



Inspectie van het Onderwijs
Ministerie van Onderwijs, Cultuur en
Wetenschap

SIZZEN IS NEAT, MAR DWAAN IS IN DING

Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis

July 2019

Foaropwurd

De Fryske taal libbet - yn 'e Fryske media, yn 'e literatuer, oan de keukentafel en op de wurkflier. Nim as foarbyld in learling dy't no yn Fryslân op de basisskoalle sit yn Heech, of dy't fuortset ûnderwiis folget yn Frjentsjer. Grutte kâns dat sa'n learling letter yn 'e eigen regio wurkje sil, yn in omjouwing dêr't it Frysk de fiertaal is. Want de Fryske taal hat net allinnich mei kultuer en identiteit te krijen, it is ek in daagliks kommunikaasjemiddel. Learlingen sizze sels yn petearen mei ús ynspekteurs dat se graach better Frysk praten en ferstean leare wolle.

As maatskippij en as oerheid wolle we dat de bern en folwoeksenen yn it Fryslân fan de takomst ek noch graach en goed Frysk prate, lêze en skriuwe. Dêr is by de learlingen ferlet fan, en ek de maatskippij en de oerheid sjogge it belang fan it Frysk. Dus hoe giet it mei it ûnderwiis yn it fak Frysk? Doe't we dat tsien jier lyn ûndersochten, wiene de konklúzjes teloarstellend. Sûnt dy tiid binne der wichtige stappen setten, wêrtroch't it better mooglik is om goed ûnderwiis Frysk te jaan. Der binne bygelyks normearre toetsen foar Frysk ûntwikkele. En de provinsje Fryslân hat de ambysje útsprutsen dat alle Fryske skoallen yn 2030 oan alle kearndoelen foldogge; no ferlient de provinsje dêr noch gauris ûntheffing foar.

Yn it skoaljier 2018/2019 fierden we op 'en nij in temaûndersyk út nei it skoalfak Frysk. Dêrby seagen we regelmjittich entûsjasme foar it fak. Dochs moatte we konstatare dat it op in protte skoallen noch hieltyd net tafalt om ûnderwiis Frysk fan hege kwaliteit te bieden. Nettsjinsteande de útsprutsen ambysjes en nettsjinsteande de ferbettere betingsten sjogge we it noch te min yn 'e klasse werom.

Dêr binne wol ferklearrings foar. Sa hawwe yn it basisûnderwiis lang net alle lesjowers in foech of de kompetinsje om Frysk te jaan. Dat is begryplik, want ek net-Frysktaligen mei in pabû-diploma kinne yn Fryslân foar de klasse stean. En yn it fuortset ûnderwiis is it bygelyks in hindering dat Frysk gauris in lyts fak is. Is der mar ien learaar Frysk op skoalle, dan is der by sykte net sa gau ferfanging regele.

It binne ferklearrings, mar dêr mei it net by bliuwe. Skoallen yn Fryslân hawwe de wetlike taak it fak Frysk te jaan. Sy sille dy ferantwurdlikens écht nimme moatte. Wy sjogge by skoalbestjoeren faak in tekoart oan stjoering op it Frysk. It omtinken giet dan út nei fúzjes, nei de tebegong fan it tal learlingen of nei prestaasjes op de kearnfakken. Mar Frysk is allikegoed ûnderdiel fan de opdracht fan de Fryske bestjoeren. It wurdt de heechste tiid dat alle bestjoeren derfoar soargje sille dat it fak op nivo jûn wurdt, yn it belang fan harren learlingen. Want as skoallen lege ûnderwiisdoelen stelle - om oan te sluten by de taalsituaasje fan learlingen - dogge se de learlingen te koart. Wy hearden yn 't foarbygean yn 'e rin fan it ûndersyk dat in mbû-ynstelling út eigen beweging begûn wie mei it jaan fan lessen Frysk, om't de learlingen dat op harren staaasje nedich hawwe. Dat soe it tariedend middelber beropsûnderwiis (tmbû) him oanlûke moatte.

De provinsje en de ryksoerheid kinne fierder bydrage oan it ferbetterjen fan de betingsten foar it ûnderwiis. Dêrby is it wichtich dat der provinsjaal én lokaal genôch draachflak is foar it ambysjenivo. Dat is nedich om foldwaande dekkend aanbod te krijen en te behâlden. En dat is wer fan belang foar de trochgeande line fan it primêr ûnderwiis nei it fuortset ûnderwiis en it mbû. No docht bliken dat it besteande ûntheffingsbelied ûnbedoeld oan skoallen en bestjoeren it sinjaal jout dat it hjoeddeiske nivo goed genôch is. It is dêrby oars wol de fraach oft alle skoallen itselde einivo yn 2030 helje kinne en moatte. De ryksoerheid soe dêrnjonken ynsichtlik meitsje moatte hoefolle jild oft der nedich is, sadat bestjoeren it Frysk goed oanbiede kinne.

Ta beslút sille we út ús tafersjochrol wei de bestjoeren by de fjouwerjierlikse bestjoersûndersiken oansprekke op wat se dogge om de ambysje op it mêd fan it Frysk te reälisearjen. As dat nedich is, jouwe we dêrby ek reparaasje-opdrachten. Fierders sille we yn 2025 en yn 2031 op 'en nij ûndersyk dwaan nei it Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis. Want in fitale taal freget no ienris omtinken, ûnderhâld en goed ûnderwiis.

drs. Monique Vogelzang
Ynspekteur-generaal fan it Underwiis

YNHÂLD

Foaropwurd 3

1 Gearfetting 8

2 Ynlieding 11

3 Opset fan it ûndersyk 12

3.1 Undersyksfragen 12

3.1.1 Dielfragen 13

3.2 Metoaden fan ûndersyk 13

3.3 Undersykgroepen en respons 13

3.3.1 Semystrukturearre fraachpetearen 15

3.3.2 Skoalbesites 16

4 Kontekst fan it ûnderwiis Frysk 17

4.1 Untwikkelings sûnt 2009 17

4.1.1 Rezjyrol fan de provinsje Fryslân 17

4.1.2 Untwikkelings út it Ryk wei 18

4.1.3 Learling- en studintoantallen eineksamens en learare-oplieding Frysk 19

4.2 Kearndoelen Frysk en ûntheffings 20

4.3 Konklúzje 22

5 Befinings oangeande de taalsituaasje op skoallen 24

5.1 Ynlieding 24

5.2 De taalsituaasje op skoallen yn Fryslân 25

5.3 Konklúzje 30

6 Befinings oangeande de ûnderwiiskwaliteit en stjoering 31

6.1 Ynlieding 31

6.2 Befinings op it nivo fan de learling 31

6.2.1 Underwiiskwaliteit 31

6.2.2 Stjoering 34

6.3 Befinings op it nivo fan de learaar 35

6.3.1 Underwiiskwaliteit 35

6.3.2 Stjoering 37

6.4 Befinings op it nivo fan de direkteur 39

6.4.1 Underwiiskwaliteit 39

6.4.2 Stjoering 40

6.5 Befinings op it nivo fan it bestjoer 41

6.5.1 Underwiiskwaliteit 41

6.5.2 Stjoering 42

6.6 Konklúzje 43

7 Befinings oangeande de ambysjes fan skoallen en bestjoeren 44

7.1 Konklúzje 45

8 Konklúzjes en oanrekommandaasjes 47

8.1 Konklúzjes 47

8.2 Oanrekommandaasjes 48

- 8.2.1 Oanrekommandaasjes foar de koarte termyn (binnen twa jier te reälisearjen) 48
- 8.2.2 Oanrekommandaasjes foar de middellange termyn (resultaten oer seis jier sichtber) 48
- 8.2.3 Oanrekommandaasje foar de lange termyn foar bestjoeren 49

9 Literatuer 50

1

Gearfetting

It fak Frysk yn beweging

Yn 'e ôfrûne tsien jier wie der in soad te rêden op it mêd fan it skoalfak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis. Skoalbestjoeren folgen de oanrekommandaasjes út it ynspeksjeûndersyk fan 2009 op. Sa is der hjoed-de-dei lesmateriaal beskikber dat differinsjaasje makliker makket en der binne toetsen om de taalûntwikkeling fan learlingen mjitte te kinnen. Der is ek in breed en kosteleas nei-opliedingsoanbod beskikber foar lesjouwers. By dy maatregels ferfolle de provinsje in rezjyrol.

Yn 2014 krige de provinsje it foech ûntheffings te ferlienen oan skoallen foar guon kearndoelen by it fak Frysk. De provinsje besleat dêrby oan te sluten by de besteande situaasje op de skoallen troch foar alle skoallen in taalprofyl fêst te stellen. Dêr stiet yn oan hokfoar kearndoelen oft der no al wurke wurdt en oan hokke noch net. Foar de kearndoelen dêr't noch net oan foldien wurdt, binne tydlik ûntheffings ferliend. Yn 2018 is yn it bestjoersakkoart tusken de provinsje Fryslân en it Ryk it doel steld dat yn 2030 alle skoallen yn it Fryske taalgebiet foldogge oan alle kearndoelen foar Frysk.

Taalprofilen en ûntheffings liede net ta mear ambysje

De petearen dy't de ynspeksje mei de bestjoeren fierde oer de te ferlienen ûntheffings hawwe it fak Frysk op 'en nij ûnder de oandacht brocht. It effekt fan it takennen fan de taalprofilen is lykwols faak dat skoallen dan krekt nêt ambisjeus wurde en de besteande situaasje fêsthâlde wolle. Regelmjittich hearre we fan skoallen en bestjoeren dat it takennen fan in taalprofyl mei ûntheffings foar ien of mear kearndoelen net late ta it formulearjen fan ambysjes. It tinken dat oerhearsket: as wy trochgeane mei wat we dogge, dan is dat bêst genôch. De measte bestjoeren litte witte dat se net of amper stjoere op it oanbod of de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk.

Dy befining kin oanlieding wêze om it ûntheffingsbelied op 'en nij nei te rinnen. Omdat de kearndoelen doeldoelen binne en gjin behearkingsdoelen, kinne skoallen by Frysk - krekt lykas by de oare fakken - mei alle learlingen oan deselde kearndoelen wurkje. Yn 'e (ferwachte) behearsking fan de ûnderdielen fan it fak kin dan ôfhinklik fan de learlingepopulaasje differinsjearre wurde. Sa bart dat ek by oare fakken.

Kânsen

Sûnt 2010 hat in oantal skoallen him ûntwikkele op it mêd fan Frysk. Sa binne der no folle mear *trijetalige skoallen* (skoallen dy't yn it Nederlânsk, Ingelsk en Frysk ûnderwize) as doe. Wol sjogge we no dat minder as de helte fan de learlingen (sawol yn it primêr ûnderwiis as yn it fuortset ûnderwiis) seit de lessen Frysk (of de projektlike Frysk) aardich en learsum te finen. Tagelyk sizze learlingen yn petearen mei ynspekteurs dat se Frysk in wichtich fak fine en dat se graach better Frysk praten en ferstean leare wolle. It is no oan de skoallen om de latte heger te lizzen en net út te gean fan lege ûnderwiisdoelen om oan te sluten by de taalsituaasje fan de learlingen. Dat jildt likegoed foar it primêr ûnderwiis as ek foar it fuortset ûnderwiis.

Guon skoallen yn it fuortset ûnderwiis falle ûnder in bestjoer dat ek mbû-ûnderwiis biedt. Yn it mbû is Frysk gjin ferplichte fak. Dochs wurdt it op Fryske mbû-opliedings hieltyd faker wol jûn. De studinten rinne ommers staaasje yn Frysktalige bedriuwen en sille nei harren oplieding ek wurkje yn in Frysktalige omjouwing. It soe in goed ding wêze, as der nei sjoen wurdt oft it Frysk benammen yn it tmbû ek mear

omtinken krije kin. Fû- en mbû-bestjoeren soene soks mei-inoar ûndersykje kinne. Tmbû-learlingen - trochstrings de lettere mbû-studinten - fine baat by in goede sprek- en harkfeardigens. Dêr soe mear de klam op lizze moatte yn it tmbû-ûnderwiis. It ferbetterjen fan taalfeardigens wurdt net berikt yn ien inkele projektlike yn 't jier, lykas dat by in protte fû-skoallen mei lege profilen it gefal is, mar krekt mei it fak wykliks op it lesroaster.

Ut de skoalbesites docht lykwols bliken dat der ek (tmbû-)skoallen binne dêr't it Frysk de fiertaal is, sûnder dat soks bewust bart. Learlingen en leararen prate dan ûnderinoar Frysk, ek yn ynstruksje- en staażjesituasjes. By guon praktykfakken, lykas soarch en wolwêzen, sjocht de dosint it belang fan it ferstean en praten fan Frysk foar de takomstige beropspraktyk. It is saak foar bestjoeren om dy inisjativen fan yndividuele leararen te bondeljen ta struktureel belied.

Leararen soene fan it grutte nei-opliedings- en begeliedingsoanbod oangeande Frysk - dat gauris kosteleas beskikber is - better en faker gebrûk meitsje kinne. As leararen mear kompetint binne, komt dat it ûnderwiisoanbod yn alle ûnderwiissoarten te'n goede. It nei-opliedingsoanbod is in wichtige rânebetingst foar it realisearjen fan goed ûnderwiis Frysk.

Behinderings

In behindering foar de ûntwikkeling fan it fak Frysk, benammen yn it fuortset ûnderwiis, is de tebegong fan it oantal learlingen yn 'e provinsje. Frysk is in lyts fak dat faak troch ien learaar jûn wurdt, as der al in learaar Frysk is. By in ôfnimmend learlinge-oantal is it djoerder om in lyts fak te behâlden. En as dy iene learaar útfalt, kin it foarkomme dat learlingen langere tiid gjin Fryske les hawwe. Boppedat hawwe bestjoeren somtiden logyskerwiis mear omtinken foar fúzjes, it ûnderwiisoanbod yn 'e kearnfakken of foar it tebekrinnen fan it tal learlingen as foar de ûntwikkeling fan it fak Frysk. Dat spilet likegoed yn it fuortset ûnderwiis as yn it primêr ûnderwiis.

Der binne bestjoeren dy't aktyf op syk binne nei oplossings om de neamde behinderings fuort te romjen. Sa kin in fúzje of in gearwurking liede ta mear mooglikheden foar it Frysk. Bestjoeren kinne leararen Frysk bygelyks mei-inoar oanstelle, sadat op alle skoallen fan dy bestjoeren lessen Frysk jûn wurde.

Ut it ûndersyk docht bliken dat it net dúdlik is hoefolle jild oft bestjoeren nedich hawwe om in oanbod Frysk fan foldwaande kwaliteit te realisearjen. Wol fine bestjoeren dat de hjoeddeiske bekostiging tekoartsjit. De ryksbekostiging foar Fryske skoallen is net heger as earne oars, wylst Frysk wol in ekstra ferplichte fak is.

Tafersjoch

Bestjoeren ûnderfine it temaûndersyk fan de ynspeksje as stimulearjend. Dat wie ek sa yn 2009. It feit dat de ynspeksje freget nei it Frysk stimulearret in part fan de bestjoeren en skoallen om der sels oer nei te tinken. Somtiden laat dat ta it meitsjen fan plannen en yn inkele gefallen ta in oanwaaks fan saneamde *trijetalige skoallen* yn it primêr ûnderwiis. Fierwei de measte bestjoeren sizze dat se ferwachtsje dat de ynspeksje op deselde wize tafersjoch hâldt op it Frysk as op de rest fan it oanbod. As dêr reparasje-opdrachten by hearre, moatte dy ek jûn wurde.

Mar ek sûnder de opstutsen finger fan de tafersjochhâlder soe it ûnderwiis Frysk fan goede kwaliteit wêze moatte. Dat is ommers de ferantwurdlikens fan de bestjoeren. No sjogge we dat Frysk te faak in ûnderskood bern is yn it ûnderwiisoanbod. As yn it fuortset ûnderwiis de learaar bygelyks siik is, wurdt dy net ferfongen. Dochs freget

de wet dat alle Fryske skoallen Frysk jouwe. It is wichtich dat de bestjoeren harren ynsette foar kwalitatyf goed ûnderwiis yn it Frysk op al harren skoallen. De ynspeksje hat dêrby in stimulearjende rol troch it jaan fan reparaasje-opdrachten as dat nedich is.

2 Ynlieding

De ynspeksje docht periodyk in temaûndersyk nei Frysk yn it ûnderwiis. Wy fierden dat temaûndersyk út yn it skoaljier 2018/2019. Wy brochten de stân fan saken fan it primêr en fuortset ûnderwiis yn byld. Dêr't soks mooglik wie, ferliken we dat mei de resultaten út it eardere temaûndersyk nei Frysk, dat yn 2009 plakfûn. Tagelyk slute we yn dat rapport oan by de feroarjende ûnderwiispraktyk en it feroarjende tafersjoch op skoallen en bestjoeren. Sa geane we yn tsjinstelling ta yn 2009 bygelyks wiidweidich yn op de rol en ferantwurdlikens fan skoalbestjoeren by it fak Frysk.

Yn 2009 diene we ûnder oaren de neikommende oanrekommandaasjes oer it folgjen fan de ûntwikkeling fan learlingen: soargje foar in learlingfolchsysteme rjochte op it Frysk en soargje foar ekstern normearre toetsen. Oare wichtige oanrekommandaasjes wiisden yn de rjochting fan nei-oplieding foar leararen en it ûntheffingsbelied. Wy diene de oanrekommandaasje om te soargjen foar genôch nei-opliedingsoanbod foar leararen, rjochte op it ûnderhâlden fan kompetinsjes om Frysk te jaan. Fierders rekommandearren we oan om helderens te skeppen yn it ferlienen fan ûntheffings foar it foldwaan oan guon keardoelen. Oan dy beide oanrekommandaasjes is gefolch jûn en de provinsje ferfolle dêrby in rezjyrol.

It doel fan it temaûndersyk dat we yn it skoaljier 2018/2019 útfierden is oan 'e iene kant om fêst te stellen hoe't bestjoeren sicht hâlde op de kwaliteit fan it fak Frysk. Oan 'e oare kant is it doel om nei te gean hoe't learlingen, leararen, direkteuren en skoalbestjoerders de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk hjoed-de-dei ûnderfine.

3 Opset fan it ûndersyk

De ynspeksje docht periodyk temaûndersyk nei it fak Frysk. It doel fan it temaûndersyk dat we yn it skoaljier 2018/2019 útfierd hawwe, is oan 'e iene kant om fêst te stellen hoe't bestjoeren sicht hâlde op de kwaliteit fan it fak Frysk. Oan 'e oare kant is it doel om nei te gean hoe't learlingen, leararen, direkteuren en skoalbestjoerders de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk hjoed-de-dei ûnderfine. It doel wie ek om in ferliking te meitsjen mei de stân fan saken yn 2009.

Wy garren sawol yn it primêr as ek yn it fuortset ûnderwiis gegevens mei help fan fragelisten op fjouwer nivo's: learlingen, leararen, direkteuren/rektoaren en bestjoeren. Dêrnjonken hâlden we mei in part fan de bestjoeren fraachpetearen. Om dy gegevens yllustrearje te kinnen mei praktykfoarbylden hawwe we ek skoalbesites dien.

It ûndersyk is útfierd yn it primêr ûnderwiis (pû) en yn it fuortset ûnderwiis (fû). De formulearre ûndersyksfragen binne fan tapassing op beide skoaltypes. Yn dit haadstik neame we earst de ûndersyksfragen. Dêrnei beskriuwe we de opset fan it ûndersyk. Foar in wiidweidige beskriuwing fan de ûndersyksmetoade en de analyse ferwize we nei it technyske rapport dat op oanfraach op de thússide fan de ynspeksje ûntfongen wurde kin (Ynspeksje fan it ûnderwiis, 2019).

3.1 Undersyksfragen

De haadfraach fan ús ûndersyk is: *“Wat is de kwaliteit fan it ûnderwiis sa't dy ûnderfûn wurdt yn 'e Fryske taal yn it primêr ûnderwiis en yn it fuortset ûnderwiis en hoe jouwe Fryske skoalbestjoeren ynfolling oan harren ferantwurdlikens foar de kwaliteit fan dat ûnderwiis?”*

Dy haadfraach slút oan by de wize wêrop't de ynspeksje sûnt 2017 it tafersjoch op bestjoeren útoefenet. Begjinnend by dat momint beoardielet de ynspeksje yn 'e ystellingsûndersiken altiten de kwaliteitssoarich fan it bestjoer. It útgongspunt is dat it bestjoer, as einferantwurdlike foar de ûnderwiiskwaliteit, belied fiert dat derop rjochte is de kwaliteit te beweitsjen en te befoarderjen. Dat jildt ek foar de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk. Dêrfandinne dat we dêr yn dit temaûndersyk oan de bestjoeren fragen oer steld hawwe. Oan de oare groepen stelden we fragen oer de ûnderfûne kwaliteit fan it ûnderwiis. Sa fregen we bygelyks oan learlingen, leararen en direkteuren oft en hoe't der yn 'e lessen Frysk rekken hâlden wurdt mei ferskillen yn taalfeardigens tusken memmetaalpraters en net-memmetaalpraters. Dat soarte fan skaaimerken fan ûnderwiiskwaliteit dy't ûnderfûn binne, is ynkleure mei de observaasjes fan ynspekteurs by de skoalbesites.

De opset fan it ûndersyk wie derop rjochte om útspraken dwaan te kinnen oer de neikommende ûnderdielen dy't bydrage oan de kwaliteit fan it ûnderwiis:

- It tal oeren Frysk op it lesroaster (yn it primêr ûnderwiis yn de groepen 5 oant en mei 8, yn it fuortset ûnderwiis yn 'e ûnderbou: it earste en twadde learjier).
- De foegen fan leararen.
- De troch de learaar sels ûnderfûne betûftens yn it jaan fan Frysk.
- De oerienkomst fan it oanbod mei it taalplan fan de skoalle.
- It brûken fan lesmetoaden Frysk en lesmaterialen Frysk.
- In byld fan de kwaliteit fan it didaktysk hanneljen yn 'e lessen Frysk, dêr't ek rekken by hâlden wurdt mei de ferskillen yn de taalfeardigens fan learlingen.

Us doel wie om mei it ûndersyk tagelyk útspraken dwaan te kinnen oer de neikommende ûnderdielen fan de stjoering troch it bestjoer en de direksje op de kwaliteit fan it ûnderwiis Frysk:

- Yn it skoalplan en it taalplan stelde doelen oangeande it ûnderwiis Frysk.
- It systematysk folgjen fan de taalûntwikkeling Frysk fan learlingen.
- Stjoering op de kwaliteit fan it didaktysk hanneljen.

- Sicht op de miening fan learlingen oer de lessen Frysk.

Fierders is oan alle groepen nei de Frysktaligens frege. Op it nivo fan learlingen, leararen en direkteuren fregen we nei de ynstruksjetaal by oare fakken en de omgongstalen yn 'e skoalle mei learlingen en kollega's. Oan de learlingen fregen we ek nei de fiertaal bûten de skoalle.

Yn 'e rin fan it temaûndersyk hawwe we gjin reparaasje-opdrachten jûn as bliken die dat de bestjoerlike kwaliteitssoarch net of ûnfoldwaande rjochte wie op it ûnderwiis Frysk. Dat is wol mei it bestjoer besprutsen.

3.1.1 *Dielfragen*

1. Wat is neffens bestjoeren de kwaliteit fan it ûnderwiis yn 'e Fryske taal yn it primêr ûnderwiis en yn it fuortset ûnderwiis en yn hoefier is dat yn relaasje ta it (eardere) ynspeksjeûndersyk yn 2009 feroare?
2. Yn hoefier hawwe bestjoeren sicht op it ûnderwiis yn 'e Fryske taal yn it primêr ûnderwiis en yn it fuortset ûnderwiis en yn hoefier stjoere se op de kwaliteit fan it ûnderwiis yn 'e Fryske taal?
3. Yn hoefier hawwe bestjoeren sicht op de útfiering fan it taalplan op harren skoallen?
4. Yn hoefier foldogge de skoallen oan de doelen dy't se yn harren taalplan ferwurde hawwe en dy't passe by harren taalprofyl?

3.2 **Metoaden fan ûndersyk**

It hjoeddeiske ûndersyk ken twa kearnûnderdielen:

- In survey-ûndersyk op de populaasje fan basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis yn Fryslân: fragelisten dy't ûnder alle learlingen, learkrêften, skoaldireksjes en skoalbestjoeren yn it Fryske primêr en fuortset ûnderwiis útset binne.
- Semystrukturearre fraachpetearen mei in seleksje fan bestjoeren fan skoallen foar primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân.

Om dy gegevens te yllustrearjen mei praktykfoarbylden brochten ynspekteurs in besite oan in oantal skoallen. By de skoalbesites observearren se lessen oan de hân fan observaasjeformulieren en fierden se semystrukturearre petearen mei learlingen, leararen en direksje. De gegevens dy't we yn dat ferdjipjend ûndersyk ophellen binne yllustratyf en foarmje dêrmei gjin basis foar de antwurden op de ûndersyksfragen. Op dy wize krigen we in yndruk fan de útfiering fan en attitude yn relaasje ta it Frysk yn 'e praktyk. Dy yndrukken jouwe we yn dit rapport wer yn 'e foarm fan skoalportretten.

3.3 **Undersykgroepen en respons**

Betrouberens

De betrouberens fan dit ûndersyk is op meardere wizen bewekke. Der binne alderearst ûnderskate ynstruminten (literatuer, fragelisten, fraachpetearen, observaasjes) brûkt om mei help fan triangulaasje in betrouber byld te krijen fan de stjoering op kwaliteit en de ûnderfûne kwaliteit fan it oanbod Frysk. Twaddens binne de semystrukturearre fraachpetearen en de skoalbesites útfierd troch ynspekteurs mei ûnderfining dy't affiniteit hawwe mei it Frysk. Treddens is de respons op de fragelisten heech. Mei dy fragelisten binne de ûnderfining en it perspektyf fan meardere respondintgroepen (learlingen, leararen, direkteuren/rektoaren en bestjoeren) yn kaart brocht. De hege respons fan ûnderskate respondintgroepen makket dat dit ûndersyk in betrouber byld jout fan it ûnderwiis yn 'e Fryske taal.

Survey-ûndersyk

It lêste temaûndersyk Frysk is dien yn 2009. Om in ferliking meitsje te kinnen mei de stân fan saken yn 2009 binne foar leararen, direkteuren en bestjoerders deselde fragelisten brûkt. Dêrnjonken hawwe we in oantal fragen tafoege om't we mear sicht op de bestjoerlike kwaliteitssoarch foar it Frysk krije woene. Sûnt 2017 is de kwaliteitssoarch fan bestjoeren foar de ynspeksje it oangripingspunt foar it tafersjoch. De sammele gegevens binne sadwaande tagelyk ferlykber mei dy fan 2009 as ek yn line mei de hjoeddeiske wurkwize fan de ynspeksje.

De fragelisten binne ûnder learlingen, learkrêften, skoaldireksjes en skoalbestjoeren fan likernôch alle Fryske skoallen foar primêr en fuortset ûnderwiis útset. Skoallen mei in folsleine ûnthefing fan de keardoelen foarmen dêrop de útsûndering. Dat binne de skoallen op de Waadeilannen en guon skoallen yn 'e Stellingwerwen.

By elts fan de ûndersykgroepen is mei help fan in digitale fragelist ynformaasje sammele oer de ferskate skaaimerken fan de kwaliteit fan it ûnderwiis Frysk en de stjoering dêrop. Oan learlingen is net streekkrjocht frege nei stjoering, mar wol nei mooglike effekten dêrfan. Sa hawwe we bygelyks frege oft harren learaar wolris freget wat se fan de lessen en it lesmateriaal Frysk fine.

De fragelisten foar learlingen yn it primêr ûnderwiis binne útset ûnder alle learlingen op in Fryske skoalle yn 'e groepen 6, 7 en 8. De learlingen yn 'e legere groepen binne net befrege om't de formulearring fan de fragen net genôch op dy jonge bern taspiest wie. As der yn legere groepen ek Frysk jûn wurdt, is dêr yn 'e skoalbesites oer sprutsen. Yn it fuortset ûnderwiis is de fragelist útset ûnder alle learlingen yn 'e ûnderbou om't Frysk dêr in ferplichte fak is. Wy hawwe de skoallen frege om de fragelist ôf te nimmen by de klassen dêr't Frysk yn jûn wurdt. Dat kinne earste klassen wêze, mar ek twadde of tredde klassen, ôfhinklik fan de kar dy't de skoalle dêr sels yn makke hat.

De fragelisten foar learkrêften binne yn it primêr ûnderwiis útset ûnder alle leararen. Yn it fuortset ûnderwiis binne se allinnich útset ûnder leararen Frysk.

Wy hawwe sawol skoaldireksjes as skoalbestjoeren fia e-post ynformearre oer it temaûndersyk. Yn dy oankundiging fregen we harren om de fragelist yn te foljen en om dy út te setten ûnder learlingen en learkrêften. Nei de earste oankundiging hawwe we sawol de skoallen as de skoalbestjoeren meardere kearen fia e-post en tillefoan it ûndersyk op 'en nij yn 't sin brocht.

Mei help fan de fragelisten hawwe we de ûnderfûne kwaliteit fan it ûnderwiis metten troch te freegjen nei de persepsje fan de respondint. Dat hat as gefolch dat ek oare saken fan ynfloed wêze kinne op de antwurden, lykas mooglike belangen fan de ynfollers of ienfâldichwei de ôfnamekondysje fan de fragelisten.

Respons

Om gegevens op bestjoersnivo te sammeljen, ferstjoerden we fragelisten nei 67 skoalbestjoeren mei fêstigings yn Fryslân, sawol foar primêr ûnderwiis as foar fuortset ûnderwiis. Foar it fuortset ûnderwiis jildt dat alle bestjoeren mei ien of mear fêstigings yn Fryslân benadere binne, ek as de mearheid fan de skoallen of fêstigings bûten de provinsje fêstige is. Fan de 67 bestjoeren follen 59 de fragelist yn (42 bestjoeren primêr ûnderwiis en 17 fuortset ûnderwiis, sjoch tabel 3.3a.). De sprieding yn bestjoersgrutte is ferlykber mei de sprieding yn bestjoersgrutte ûnder alle bestjoeren fan Fryske skoallen en sadwaande represintatyf foar de folsleine populaasje.

Fan de 393 oanskreaune skoallen foar primêr ûnderwiis follen 83,7 prosint de direksjefragelist yn. Der ûntbrekke 64 skoallen, oftewol 16,3 prosint fan de benadere groep. De ferdieling fan de taalprofilen ûnder dy skoallen is op in ferlykbere wize spraat oer de taalprofilen yn 'e folsleine skoalpopulaasje. De 329 skoaldireksjes foar primêr ûnderwiis hearre by 39 ferskate bestjoeren en lizze

ferspraat oer de provinsje. De respondinten foarmje sadwaande in represintative groep.

Yn it fuortset ûnderwiis stelden we fragelisten iepen foar de fêstigingsdireksjes fan 82 fêstigings. Dêrfan follen 51 direkteuren de fragelist yn, oftewol 61,4 prosint fan it totaal. De non-respons is sadwaande 38,6 prosint. De 51 direksjes yn it fuortset ûnderwiis falle ûnder 20 ferskate bestjoeren (fan de 23) en binne, krekt lykas by de direksjes yn it primêr ûnderwiis, spraak oer de provinsje. Wat de sprieding yn taalprofilen oanbelanget, falt op dat in relatyf grut part fan de skoaldireksjes mei in C2-profyl reagearre. Der is in respons fan 11 fan de yn totaal 13 direksjes mei dat taalprofyl.

Tabel 3.3a. Respons op de fragelisten, pû = primêr ûnderwiis, fû = fuortset ûnderwiis.

	Totaal (N populaasje)	Respons (n)	Respons %
Bestjoeren pû	44	42	95,5
Bestjoeren fû	23	17	73,9
Direkteuren pû	393	329	83,7
Direkteuren/rektoaren fû	82	51	61,4
Leararen pû	ûnbekend	1.201	ûnbekend
Leararen fû	ûnbekend	67	ûnbekend
Learlingen pû	ûnbekend	10.109	ûnbekend
Learlingen fû	ûnbekend	1.025	ûnbekend

De fragelist foar leararen yn it primêr ûnderwiis is yn totaal ynfolle troch 1.201 leararen, ferdielt oer 290 skoallen. De fragelist foar leararen yn it fuortset ûnderwiis is ynfolle troch 67 leararen, ferdielt oer 33 skoallen. Wy kinne net fêststelle wat dy respons seit oer de respons fan de folsleine groep leararen. Wy witte nammentlik net hoefolle leararen Frysk oft der oan in skoalle ferbûn binne (fuortset ûnderwiis) of hoefolle leararen oft der per skoalle Frysk jouwe yn harren groep (primêr ûnderwiis). Op skoalnivo sjogge we dat de ferdieling fan de taalprofilen yn 'e responsgroep fan de leararen út it primêr ûnderwiis goed oerienkomt mei de ferdieling fan de taalprofilen oer de folsleine skoalpopulaasje. Yn it fuortset ûnderwiis sjogge we dat op skoalnivo de ferdieling fan de taalprofilen yn 'e responsgroep fan de leararen yn it fuortset ûnderwiis ridlik goed oerienkomt mei de ferdieling fan taalprofilen oer de folsleine skoalpopulaasje.

De fragelist foar learlingen yn it primêr ûnderwiis is troch yn totaal 10.109 learlingen út groep 6, 7 en 8 ynfolle, ferdielt oer 280 skoallen (fan de 393). De respons wie gelyk ferdielt oer 3 groepen. De fragelist foar learlingen yn it fuortset ûnderwiis is ynfolle troch 1.025 learlingen, ferdielt oer 23 skoallen (fan de 82). Mear as 85 prosint fan dy respondinten siet yn it earste learjier.

Wy kinne net fêststelle wat dy respons seit oer de folsleine groepen learlingen. Skoallen meie nammentlik sels bepale yn hokke(r) groep(en) of yn hokke(r) ûnderbouklas(sen) oft se Frysk jouwe. Wol liket it sa te wêzen dat de learlingen út it primêr ûnderwiis dy't reagearren, represintatyf binne foar alle Fryske skoallen. De taalprofilen fan dy responsgroep komme nammentlik oerien mei de ferdieling fan de taalprofilen oer de folsleine skoalpopulaasje. Yn it fû sjogge we dat de groep mei taalprofyl C2 ûnderfertsjintwurdige is yn 'e responsgroep fû-learlingen.

3.3.1 *Semystrukturearre fraachpetearen*

Op it nivo fan de bestjoeren is njonken de fragelisten ek ynformaasje sammele troch it fieren fan semystrukturearre petearen. De semystrukturearre petearen mei bestjoeren binne fierd mei de helte fan de Fryske pû- en fû-bestjoeren. By it meitsjen fan de seleksje is rekken hâlden mei de tafersjochhistoarje en de ferdieling fan ûnderskate taalprofilen oer de bestjoeren. Bestjoeren dêr't in regulier bestjoersûndersyk by plakfine soe, binne by fû meinommen yn 'e seleksje.

Yn totaal hawwe ynspekteurs petearen fierd by 38 Fryske pû- en fû-bestjoeren (28 bestjoeren pû en 10 fû). De ferdieling fan profilen yn de groep bestjoeren dêr't semystrukturearre fraachpetearen by ôfnommen binne, komt goed oerien mei de ferdieling fan profilen yn 'e folsleine populaasje.

3.3.2 *Skoalbesites*

Om de befinings út de fragelisten mei praktykfoarbylden yllustrearje te kinnen hawwe we skoalbesites makke. Dat ferdjipjende ûndersyk (net rjochte op it sammeljen fan gegevens) fûn plak by skoallen mei in ynspeksje-oardiel foldwaande of goed en is ferdielid oer de ûnderskate taalprofilen. Wy besochten 9 skoallen yn it fuortset ûnderwiis en 31 skoallen yn it primêr ûnderwiis. By de skoalbesites observearren we lessen en fierden we petearen mei learlingen, leararen en de direksje. Op alle skoallen yn it primêr ûnderwiis binne 3 lessen Frysk observearre (yn totaal 63 lessen) en op alle skoallen yn it fuortset ûnderwiis tusken de 0¹ en 3 lessen of ûnderdielen fan projekten Frysk (mei-inoar 11 observaasjes). De lesobservaasjes wiene te lyts yn oantal om konklúzjes lûke te kinnen oer de kwaliteit fan it oanbod. De foarbylden dy't we út de observaasjes oanhelje binne dan ek net bedoeld as algemiene útspraak oer de kwaliteit.

Hoewol't de ferdjipjende ûndersiken yn 'e hjoeddeiske foarm oanfoljende ynformaasje leveren oer de ûnderfûne kwaliteit, hawwe we de winsk om dy foarm fan triangulaasje yn in takomstich ûndersyk krêftiger del te setten. De ferdjipjende ûndersiken kinne - mitsdat se útfierd wurde by in grut oantal skoallen - in betrouberder byld jaan fan de kwaliteit fan it oanbod as allinnich it byld út de fragelisten.

Yn dizze rapportaazje binne skoalportretten opnommen dy't in werjefte binne fan de observaasjes en de petearen fan de ynspekteurs op de skoallen.

¹ Yn ien gefal wie de learaar Frysk siik en foelen de lessen sadwaande út op it momint fan de skoalbesite.

4 Kontekst fan it ûnderwiis Frysk

4.1 Ontwikkelings sûnt 2009

Sûnt it lêste temaûndersyk fan de ynspeksje hawwe der ûntwikkelings west dy't ynfloed hân hawwe op it ûnderwiis Frysk. Yn dit haadstik steane we stil by dy ûntwikkelings. Somtiden giet it om oanrekommandaasjes út it temaûndersyk dy't opfolge binne, somtiden om ûntwikkelings yn belied of yn 'e kontekst fan de skoallen en bestjoeren.

4.1.1 *Rezjyrol fan de provinsje Fryslân*

4.1.1.1 *Untheffings fan kearndoelen Frysk*

Yn 2014 krige de provinsje Fryslân it foech om skoallen tydlik ûnthefing te ferlienen foar it oanbieden fan ien of meardere kearndoelen. Earder lei dat foech by it Ryk en koe allinnich in folsleine ûnthefing ferliend wurde oan skoallen yn Fryslân, mar bûten it Fryske taalgebiet. Sa hiene oant 2014 skoallen op de Waadeilannen en yn 'e Stellingwerven in ûnthefing foar it jaan fan Frysk.

Binnen it hjoeddeiske ûntheffingsbelied kin de provinsje ek in parsjele ûnthefing ferliene foar Frysk. Sa kinne skoallen tydlik in ûnthefing krije foar it oanbieden fan ien of inkele kearndoelen (paragraaf 3.2). De bedoeling fan dat belied wie om skoallen oan 'e iene kant in passende mooglikheid te bieden om te foldwaan oan de kearndoelen dy't se al oanbean en oan 'e oare kant te stimulearjen om ta te groeien nei it oanbieden fan alle kearndoelen. It idee dêrefter wie om mooglikheden te keppeljen oan ambysje.

Troch de ynspannings fan de provinsje op it mêd fan dat belied hawwe alle Fryske skoallen in taalplan dêr't yn fêstlein is wat de skoalle oan de ûnderskate kearndoelen Frysk docht. Op grûn dêrfan binne sa nedich tydlik ûntheffings ferliend foar de kearndoelen dy't de skoalle noch net oanbiedt. Yn paragraaf 3.2 is te lêzen hokke skoallen hokfoar taalprofilen (en sadwaande tydlike ûntheffings) hawwe.

4.1.1.2 *Learlingfolchsysteme en lesmateriaal*

Oantrune troch de provinsje kaam yn 2016 it learlingfolchsysteme Grip beskikber foar skoallen. Dat learlingfolchsysteme befettet metoadeûnôfhinklike toetsen rjochte op lêsbegryp en wurdskat. Grip befettet ek observaasjeinstruminten dêr't learen mei fêststelle kinne hokker nivo learingen hawwe op it mêd fan praten en it fieren fan petearen. Dêrmei is in oanrekommandaasje út it temaûndersyk fan 2009 opfolge.

Alle skoallen dy't wurkje mei it lesmateriaal fan de metoade Spoar 8 (pû, likernôch 145 skoallen) en Searje 36 (fû, likernôch 35 fêstgings) kinne gebrûk meitsje fan Grip. Dy skoallen kinne ek begelieding krije by de ymplementaasje fan de metoade en it learlingfolchsysteme. Dy lesmetoaden binne digitaal en biede mear mooglikheden foar nivodifferinsjaasje as de lesmaterialen dy't yn 2009 beskikber wiene. It is net bekend hoefolle skoallen dy't mei de lesmetoaden wurkje tagelyk gebrûk meitsje fan Grip.

4.1.1.3 *Kurrikulum Frysk*

Yn 2018 is it ûntwikkeltrajekt úteinset foar it feroarjen fan de kearndoelen. Foar it fak Frysk rint dat ûntwikkeltrajekt parallel oan it trajekt fan de oare fakken. Yn tsjinstelling ta de oare fakken is by Frysk net it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip (UKW) mar de provinsje Fryslân de opdrachtjouwer. De ûntwikkeling fan de nije kearndoelen foar Frysk rint noch en yn dit temaûndersyk binne de no jildende kearndoelen mei de skoallen besprutsen.

Yn it ûndersyk waard dúdlik dat skoallen benammen it hjoeddeiske kearndoel "Positive attitude" yn relaasje ta de Fryske taal en kultuer tige ferskillend ynfolge. De skoallen dy't allinnich dat kearndoel oanbiede of dat kearndoel en noch ien oar kearndoel (harkjen yn it primêr ûnderwiis en it fieren fan ynformele petearen yn it fuortset ûnderwiis) jouwe net struktureel lessen Frysk. Meastentiids bestiet it oanbod út in projektlike dêr't ekskurzjes of taken yn útfierd wurde dy't wat mei

Fryslân te krijen hawwe. Dy aktiviteiten binne likernôch altyd loskeppele fan taalûnderwiis. Learlingen ûnderfûne dy aktiviteiten, sa fertelle se de ynspekteurs, net as lessen yn it fak Frysk.

Skoallen dy't wol meardere keardoelen oanbiede, kombinearje it keardoel "Positive attitude" meastentiids mei de talige keardoelen. Ut resint ûndersyk nei meartaligens docht bliken dat it posityf wurdearjen fan taal en kultuer binnen de taalles en oare fakken laat ta in optimalisaasje fan de learprestaasjes (Agirdag en Kambel 2018; Le Pichon-Vorstman, 2013). Dy beide konstatearrings - de somtiden minimale ynfolling fan skoallen en de wittenskip dat posityf omtinken foar meartaligens learprestaasjes geunstich beynfloedet - soene meinommen wurde moatte yn 'e bystelling fan de keardoelen. Yntegraasje fan it keardoel "Positive attitude" yn 'e talige keardoelen leit foar de hân. Skoallen kinne dan net mear allinnich mar it keardoel "Positive attitude" oanbiede. Dat kin liede ta in krêftiger oanbod Frysk.

4.1.2 *Untwikkelings út it Ryk wei*

4.1.2.1 *Finansiering fan it ûnderwiis Frysk*

Yn it foarjier fan 2019 presintearret de provinsje de taalprofilen oan alle bestjoerders en spriek se de ambysje út om yn 2030 gjin ûntheffings mear te ferlienen foar it Frysk. Om skoallen by steat te stellen oan dy ambysje te foldwaan, stelle it Ryk en de provinsje in bedrach per learling ta beskikking: de materiële ynstânhâlding Frysk (MYF). Dy MYF-jilden binne bedoeld om lesmateriaal fan te keapjen. Hoe mear't in skoalle no al docht oan Frysk (hoe heger it taalprofyl), hoe mear jild de skoalle per learling kriget.

De ryksbekostiging foar skoallen yn Fryslân wykt net ôf fan dy yn oare provinsjes. Wol finansieret de provinsje in part fan de kosten dy't bestjoeren meitsje foar it oanstellen fan in learaar Frysk. Yn 2010 advisearre de stjoergroep Desintraalisaasje Fryske taal nei de provinsje Fryslân oer de desintraalisaasje fan foegen fan it Ryk nei de provinsje (ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, 2010). Ien fan de advizen fan de stjoergroep wie om de kosten fan it ûnderwiis Frysk better yn byld te bringen, sadat ek de bekostiging evaluearre wurde koe. By de resinte feroaring (ferienfâldiging) fan de ûnderwiisbekostiging (dy't yngiet yn 2021) is dat advys lykwols net belutsen. Wol wurdt der yn 2019 in ûndersyk útfierd nei de tarikendheid fan de bekostiging fan it fû oer it ginneraal.

De provinsje bekostiget en organisearret opliedingsmooglikheden foar leararen Frysk. Sa is der in troch de provinsje finansiële nei-opliedingsoanbod ûntwikkele by de Noardlike Hegeskoalle Ljouwert en by Cedin. Skoallen kinne ek kosteleas begelieding krije fan dy oanbieders om harren ûnderwiis Frysk fierder te ferbetterjen.

Oer de krekte bydrage út it Ryk en de provinsje wei binne gegevens beskikber dy't fuortkomme út de bestjoersôfspraak 2013-2018 en út de bestjoersôfspraak 2019-2024. Dy geane oan 'e iene kant oer de bydrage oan de materiële ynstânhâlding fan it Frysk en oan 'e oare kant om frijer besteechbere bekostiging (bygelyks om in learaar fan te beteljen).

Tabel 4.1a. jout in oersjoch fan de bydrage fan it Ryk en de provinsje Fryslân oan ûnderwiis Frysk yn it primêr ûnderwiis en it fuortset ûnderwiis. Yn 2018 stiene der by Fryske skoallen foar primêr ûnderwiis 55.433 learlingen ynskreaun. Yn it Fryske fuortset ûnderwiis stiene 38.287 learlingen ynskreaun.

Tabel 4.1a. De strukturele finansjele bydrage fan de oerheid, njonken de lumpsum, yn euro oan Frysk yn it fundearjend ûnderwiis.

Underdiel	2019	2020
MYF pû	394.600	402.500
MYF fû	66.500	67.800
Basisfoarsjenning Frysk (Ryk)	-	174.000
Lesoeren Frysk (provinsje)	195.000	178.000

Njonken dy strukturele bydrage is it foar skoallen mooglik om by de provinsje in tydlike subsydzje oan te freegjen, bygelyks foar it ûntwikkeljen fan meartalich ûnderwiis of in trochrinnende learline.

4.1.3 Learling- en studintoantallen eineksamens en learare-oplieding Frysk

De ôfrûne fiif jier is it tal learlingen dat eineksamen Frysk docht tanommen (tabel 4.1b.). It tanimmen fan it tal eksamenkandidaten sit yn 'e mingd-teoretyske learwei (tmbû-mt) fan it tmbû. Op de hafû en it twû kinne we gjin trend ûnderskiede.

Tabel 4.1b. Tal eksamenkandidaten Frysk en trochsnee sifer de skoarsoarte yn 't jier yn it tiidrek 2015-2018.

	Tmbû-mt Tal learlingen	Trochsnee sifer	Hafû Tal IIn	Trochsnee sifer	Twû Tal IIn	Trochsnee sifer
2015	35	6,9	23	6,9	26	6,9
2016	59	7,0	23	7,2	21	6,9
2017	73	6,7	17	6,7	17	6,5
2018	88	6,3	29	6,3	21	7,1

Boarne: Tsjinst Utfiering Underwiis iepen gegevens

Hoewol't we sjogge dat de groep tmbû-mt-learlingen dy't eksamen docht grutter wurdt, bliuwt it tal learlingen dat eksamen Frysk docht noch hieltyd lyts. Yn 2018 wiene der op Fryske skoallen mei-innoar 2.686 eksamenkandidaten tmbû-mt, 2.192 eksamenkandidaten hafû en 1.123 eksamenkandidaten twû (Tsjinst Utfiering Underwiis iepen gegevens). Foar eltse ôfdieling die sadwaande respektivelik 3,3 prosint, 1,3 prosint en 1,9 prosint fan de kandidaten fan de Fryske fû-skoallen eksamen Frysk.

It oantal studinten dat begjint oan in learare-oplieding Frysk lit troch de jierren hinne in grillich byld sjen (tabel 4.1c.). Yn 2017 begûnen acht studinten oan de twaddegraads oplieding oan de NHL yn Ljouwert en achttjin studinten oan de earstegraads learare-oplieding oan de Ryksuniversiteit Grins (RUG).

Tabel 4.1c. Tal ynskreaune studinten hbû Frysk foar elts ûnderwiistype yn it tiidrek 2014-2018.

Tal ynskreaune studinten hbû Frysk	Underwiistype	Underwiistype	2014	2015	2016	2017	2018
Opliding ta learaar fuortset ûnderwiis fan de twadde graad yn Frysk	dieltiid ûnderwiis	bachelor	3	1	4	5	4
Opliding ta learaar fuortset ûnderwiis fan de twadde graad yn Frysk	dieltiid ûnderwiis	propedeuze bachelor	4	8	2	3	4
Opliding ta learaar fuortset ûnderwiis fan de twadde graad yn Frysk	foltiid ûnderwiis	bachelor	0	1	1	3	3
Opliding ta learaar fuortset ûnderwiis fan de twadde graad yn Frysk	foltiid ûnderwiis	propedeuze bachelor	3	3	4	0	0

Boarne: Tsjinst Utfiering Underwiis iepen gegevens

Mear NT2-learlingen en FT2-learlingen

Yn 2009 konstatearren we al dat it foar Fryske skoallen in grutte útdaging is om goed ûnderwiis Frysk te jaan. Dreech wie bygelyks it tekoart oan befoege leararen Frysk, mar ek it waaksend tal learlingen dat yn it Nederlânsk grutbrocht waard, wêrtroch't Frysk mear en mear as frjemde taal ûnderwiisd wurde moast.

Yn 2012 is de kearnfakregeling ynfierd en dêrmei waarden de talen Nederlânsk en Ingelsk ûnderdiel fan de regeling oangeande sakjen of slagjen yn it fuortset ûnderwiis. Dy fakken waarden dêrmei wichtiger makke.

Yn 2014 en 2015 naam de yntstream fan asylsikers ta (Ymmigraasje en Naturalisaasje Tsjinst asyltrends 2014, 2015), en in treflik diel kaam yn 'e noardlike provinsjes te wenjen (Sintraal Orgaan opheinen asylsikers, 2019). Dêrtroch naam it tal NT2-learlingen ta.

Fan de Fryske leararen en skoallen fregen dy ûntwikkelings hegere stjoermanskeunst yn it taleûnderwiis. It is in útdaging om te lavearjen tusken it Nederlânsk, Frysk as minderheidstaal, Ingelsk en de ûnderskate migrantetalen. Dy talen komme gear yn 'e klaslokalen. Resint ûndersyk lit lykwols ek sjen dat it benutsjen fan meartaligens yn it ûnderwiis in kâns is om learprestaasjes te optimalisearjen (Duarte en Günther, 2018).

Skoalportret

Skoalle foar fuortset ûnderwiis mei in A-profyl

De skoalle is ien fan de fjouwer meartalige fû (mfû) skoallen yn Fryslân. Dy kar foar meartalich ûnderwiis is goed trochtocht en ferankere yn belied. Learlingen kieze der bewust foar om wol of net oan de meartalige stream diel te nimmen. Yn 'e meartalige stream wurde de fakken gym en skiednis yn it Frysk jûn en de leararen en learlingen wurde stimulearre om ek by oare fakken Frysk te praten. De fakken wiskunde en 'projekt' wurde yn it Ingelsk jûn.

De skoalle yntegrearret by de neamde fakken it oanbieden fan taal en fakynhâld. De taal wurdt funksjoneel brûkt en it is de bedoeling dat learlingen feedback krije op harren taalfeardigens.

Wilens it skoaljier binne der meardere bûtenskoalske aktiviteiten dy't mei de Fryske kultuer te krijen hawwe. Sa geane learlingen bygelyks te fierljeppen en te keatsen. Somtiden binne dy aktiviteiten kombinearre mei ynternasjonalisearring en nimme ek útwikselingslearlingen diel. De Fryske learlingen meitsje dan programma's of tearbledsjes yn it Ingelsk en Frysk foar harren.

Hoewol't de learlingen tefreden binne oer de projekten en de lessen, fine se wol dat de lessen learsumer kinne soene. Neffens harren is in wichtige tip foar de leararen om mear rekken te hâlden mei ferskillen en om mear omtinken te hawwen foar sprekfeardigens. De learlingen fine meartaligens allegearre wichtich.

4.2

Kearndoelen Frysk en ûntheffings

Kearndoelen besteane foar alle fakken dy't yn it fundearjend ûnderwiis ferplichte ûnderwiisd wurde. It binne globaal formulearre 'oanboddolen'. Dat wol sizze dat skoallen mei alle learlingen wurkje moatte oan de kearndoelen, mar dat net alle learlingen úteinlik foar alle kearndoelen itselde behearskingsnivo berikke.

Mei it ferlienen fan ûntheffings foar guon kearndoelen hawwe alle Fryske skoallen in saneamd taalprofyl takend krigen. Foar it primêr ûnderwiis sjogge dy profilen derút lykas dat werjûn is yn tabel 4.2a. en figuer 4.2a. Foar it fuortset ûnderwiis steane de gegevens yn tabel 4.2b. en figuer 4.2b.

Tabel 4.2a. Tal skoallen foar elts taalprofyl yn it primêr ûnderwiis 2018 (N = 428).

Taalprofyl	Tal skoallen	Persintaazje skoallen	Untheffing foar:
A	114	26,6	-
B	84	19,6	skriuwen
C	96	22,4	skriuwen en lêzen


D	6	1,4	skriuwen, lêzen, taalbeskôging
E	66	15,4	skriuwen, lêzen, taalbeskôging, praten
F	47	11,0	skriuwen, lêzen, taalbeskôging, praten, harkjen (attitude bliuwt oer)
G	15	3,5	alle keardoelen (allinnich Waadeilannen en Stellingwerven)

Boarne: De provinsje Fryslân

Sjoch ek:

www.rijksoverheid.nl/documenten/rapporten/2006/04/28/kerndoelenboekje

Figuer 4.2a. Tal skoallen foar elts taalprofyl yn it primêr ûnderwiis 2018 (N = 428).




Boarne: De provinsje Fryslân

Tabel 4.2b. Tal skoallen foar elts taalprofyl yn it fuortset ûnderwiis (N = 78).

Taalprofyl	Tal skoallen	Persintaazje skoallen	Unthefing foar:
A	31	39,7	-
B	14	17,9	keardoel 4b, 5b, 6b foar memmetaalpraters (praten en skriuwen, praten en skriuwen yn formele situaasjes, literatuer)
C1	13	16,7	boppesteand én keardoel 4a, 5a foar twadde-taalpraters (wurdskat, lêzen); bliuwt oer 6a: it fieren fan ynformele petearen en 1, 2, 3: dielnimmer yn in twatalige kultuer.
C2	13	16,7	keardoel 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b (bliuwt oer: 1, 2, 3 → dielnimmer yn in twatalige kultuer)
D	7	9,0	alle keardoelen (yn prinsipe allinnich Waadeilannen en Stellingwerven)

Sjoch ek: <http://downloads.slo.nl/Documenten/karakteristieken-en-kerndoelen-onderbouw-vo.pdf>

Figuer 4.2b. Tal skoallen foar elts taalprofyl yn it fuortset ûnderwiis (N = 78).



Sûnt de takenning fan de taalprofilen ûntstie der ûnder skoallen in grutte fariëteit yn it ferplichte oanbod. Guon leararen yn it primêr ûnderwiis sizze dat se net goed op 'e hichte binne fan hokfoar keardoelen by it taalprofyl fan harren skoalle hearre. Guon direkteuren yn it primêr ûnderwiis litte witte dat se it takende taalprofyl net gaadlik fine foar harren skoalle, bygelyks om't der noch gjin sprake is fan in trochrinnende learline of om't der allinnich mar yn ien groep Frysk jûn wurdt. Yn 'e petearen dy't de ynspekteurs fierden mei leararen en direkteuren die ek bliken dat somtiden in taalprofyl takend is op grûn fan it oanbod yn de groep dy't it fierst ûntwikkele wie, wylst der yn oare groepen minder keardoelen ûnderwiisd waarden. Wy konstatearje dat de bedoeling fan it belied om oan te sluten by de werklike situaasje op de skoallen net altiten goed útfierd wurdt. Dêr komt by dat de romme fariëteit oan taalprofilen hanthavening op it foldwaan oan de keardoelen dreech makket.

Skoalportret

Skoalle foar fuortset ûnderwiis mei in B-profiel

De skoalle jout Frysk yn ien projektlike yn learjier 1 en 2 en biedt Frysk oan as eksamenfak. Yn 'e projektlike wurde lessen Frysk jûn, binne der ekskurzjes nei bygelyks it Frysk Museum en meitsje learlingen opdrachten oer ûnderwerpen út de Fryske kultuer en skiednis.

Learlingen en leararen binne tefreden mei dy projektlike en neffens de skoalle slagget it om sa de keardoelen te beheljen dy't hearre by it B-profiel. De learlingen sizze lykwols dat it Frysk yn 'e earste twa learjierren te min is om goed begjinne te kinnen mei Frysk as eksamenfak yn 'e boppebou.

In protte leararen prate Frysk en mei de Frysktalige learlingen (likernôch de helte) prate se sa út en troch Frysk yn 'e lessen. Dat dogge se lykwols net om útlis te jaan, mar by koarte, ynformele petearkes. Learlingen litte witte dat tige bêst te finen en as se sels Frysk mei de learaar prate wolle, dan kin dat.

De learlingen binne net ienriedich oer it belang fan it Frysk. Se binne it der wol oer iens dat Frysk 'echt in taal' is, "want der is ek Google Translate foar Frysk". De thústaal liket ynfloed te hawwen op it belang dat learlingen takenne oan it Frysk.

4.3

Konklúzje

Yn 'e ôfrûne tsien jier feroare de kontekst dêr't skoallen Frysk yn jouwe. It persintaazje learlingen dat Frysktalich grutbrocht wurdt, is minder wurden. It totaalantal learlingen is ek lytser wurden: der is sprake fan in tebegong yn learlinge-oantal fan 30 prosint (Van de Esch en Van Hattem, 2019).

It provinsjale belied wie derop rjochte om oan te sluten by de hjoeddeiske ûnderwiispraktyk. In protte skoallen hawwe dan ek tydlike ûntheffing krigen fan ien of meardere kearndoelen. Hoewol't it belied ek rjochte is op it tawaaksen nei it oanbieden fan alle kearndoelen, wurdt dat troch de skoallen net sa field. It belied op it mêd fan it waaksmodel is sadwaande net goed ymplementearre. Dêrnjonken makket de fariëteit oan ûntheffings it dreech om te hanthavenjen op it oanbieden fan de kearndoelen.

It is ûndúdlik of bekostiging fan it ûnderwiis Frysk tarikkend is om ûnderwiis fan kwaliteit te bieden.

5 Befinings oangeande de taalsituaasje op skoallen

5.1 Ynlieding

De wichtichste fragen yn dit ûndersyk geane oer de kwaliteit fan it fak Frysk yn it primêr ûnderwiis en it fuortset ûnderwiis en oer de stjoering op (de kwaliteit fan) it fak Frysk. Gegevens dêroer komme yn haadstik 6 op 't aljemint. Yn 'e fragelisten foar alle doelgroepen binne dêrnjonken ek fragen steld oer de taalsituaasje op de skoallen. Dit haadstik beskriuwt hokfoar gegevens we dêroer sammelen. De gegevens binne in yndikaasje fan de taalkontekst dêr't skoallen foar primêr ûnderwiis en skoallen foar fuortset ûnderwiis it fak Frysk yn jouwe.

Yn 2018 brocht de Noardlike Hegeskoalle Ljouwert/Stenden yn kaart hoe't de taalsituaasje is fan skoallen yn 'e ûnderskate regio's. De hegeskoalle die dat yn opdracht fan de provinsje, dy't mei dy gegevens de taalprofilen takenne koe en sa ûntheffings jaan koe foar ien of meardere kearndoelen. Yn 'e publikaasje *It is mei sizzen net te dwaan* (Varkevisser en Walsweer, 2018; haadstik 4) lêze we dat benammen op de basisskoallen yn 'e stêden Harns, Snits en Ljouwert minder Frysk jûn wurdt (mear ûntheffings) as op basisskoallen yn 'e oare stêden en yn 'e lytsere gemeenten. Yn it fuortset ûnderwiis is it byld oars, mooglik fanwegen it feit dat dy skoallen oer it algemien yn stêden of gruttere doarpen situearre binne. Yn it fuortset ûnderwiis wurdt yn Harns, Snits, De Lemmer en De Jouwer minder Frysk jûn (mear ûntheffings) as yn oare stêden en gemeenten (Varkevisser en Walsweer, 2018; haadstik 10). De ferdieling fan de taalprofilen oer de provinsje is yn figuer 5.1a werjûn mei de lokaasjes fan skoallen foar primêr ûnderwiis. Yn figuer 5.1b steane de lokaasjes fan skoallen foar fuortset ûnderwiis.

Figuer 5.1a. Taalprofilen yn it primêr ûnderwiis ferdield oer de provinsje Fryslân yn 2018.



Boarne: De provinsje Fryslân

Op it kaartsje mei de taalprofilen fan de skoallen foar primêr ûnderwiis sjogge we dat it profyl oer it algemien oanslút by de taal dy't yn 'e drekte omjouwing fan de skoalle it meast sprutsen wurdt. Yn 'e Fryske taalatlas (Provinsje Fryslân, 2015) is beskreaun wêr't de ynwenners sizze dat se it Frysk goed oant tige goed prate. De Stellingwerven, Harns en Ljouwert binne de plakken dêr't it Frysk it minst faak goed behearske wurdt. Yn Ljouwert steane bygelyks gjin skoallen foar primêr ûnderwiis mei in A-profyl.

Figuer 5.1b. Taalprofilen yn it fuortset ûnderwiis, ferdield oer de provinsje Fryslân yn 2018.



Boarne: De provinsje Fryslân

De fû-skoallen lûke oer it algemien learlingen út de wide omkriten fan de skoalle. Dat makket dat de skoallen net yn deselde mjitte as de pû-skoallen in taalprofyl hawwe dat oanslút by de mjitte dêr't it Frysk troch de ynwenners yn 'e drekte omkriten fan de skoalle yn behearske wurdt. Sa steane der yn Ljouwert sân skoallen mei profyl A of B en fiif mei in leger profyl.

5.2 De taalsituaasje op skoallen yn Fryslân

It lanlike omtinken foar rekkenjen en Nederlânske taal hat mooglik it brûken fan it Frysk op skoallen beynfloede. Guon skoallen litte witte de ôfspraak te hawwen dat alle lessen yn it Nederlânsk binne, benammen om de Nederlânske taalfeardigens te stimulearjen.

Der binne 76 skoallen foar primêr ûnderwiis dy't lid binne fan it netwurk *trijetalige skoallen*. Fan dy groep binne 33 skoallen sertifisearre *trijetalige skoalle*. Yn septimber 2010 wiene der 38 skoallen lid fan it netwurk, sadwaande is der sprake fan in oanwaaks. Der binne 6 meartalige (twa- of trijetalige) skoallen foar fuortset ûnderwiis en 8 skoallen dy't eksamen Frysk ôfnimme. Ut it ûndersyk fan Van Ruijven en Ytsma út 2008 docht bliken dat de effekten fan trijetalich ûnderwiis op de learprestaasjes fan basisskoallelearlingen geunstich binne.

Sûnt 2005 bringt de ynspeksje yn byld hoe't direkteuren de taalsituaasje op harren skoalle ynskatte. Dy gegevens steane yn tabel 5.2a. en binne yn 2019 foar it earst útsplitst nei primêr ûnderwiis en fuortset ûnderwiis.

Tabel 5.2a. Frysktaligens yn prosinten ûnder direkteuren, leararen en learlingen neffens direkteuren yn it primêr en fuortset ûnderwiis.

	2005 pû+fû	2009 pû+fû	2019 pû	2019 fû
Persintaazje direkteuren dat Frysktalich is	-	-	67	53
Persintaazje leararen dat Frysktalich is	-	-	62	41
Persintaazje learlingen dat Frysktalich is	-	-	49	51
Persintaazje skoallen dêr't it tal Frysktalige learlingen	36	38	38	27

ôfnommen is				
Persintaazje skoallen dêr't it tal Frysktalige learlingen tanommen is	2	2	2	2
Persintaazje skoallen dêr't it tal Frysktalige learlingen net feroare is	45	53	49	45

Byld leararen

Wy hawwe de leararen ek frege nei harren ynskatting fan it oantal kollega's dat Frysktalich is. Sy rûzje dat heger as de direkteuren. Leararen yn it primêr ûnderwiis sizze dat 71,5 prosint fan de leararen Frysktalich is. Yn it fuortset ûnderwiis jouwe leararen oan dat 86 prosint fan de leararen Frysktalich is.

In graadmeter foar meartaligens op skoallen is de omgongstaal dy't brûkt wurdt. Wy hawwe yn byld brocht hokker omgongstaal keazen wurdt yn hokfoar situaasjes. It docht bliken dat leararen yn ûnderskate situaasjes ferskillende talen brûke. Yn gearkomsten op basisskoallen wurdt yn twa tredde fan de gefallen Nederlânsk praten en yn in tredde fan de gefallen Frysk. Fan de leararen yn it fuortset ûnderwiis folle 80 prosint yn dat der yn gearkomsten op skoalle Nederlânsk praten wurdt. Mar yn ynformele kontakten ûnderinoar praat 56 prosint fan de ynfolgers trochstrings Frysk. Mei de learlingen praat 40 prosint fan de leararen yn it fuortset ûnderwiis yn ynformele kontakten Frysk.


Fierders docht bliken dat der in nuansearre byld bestiet as it giet om de taal dy't keazen wurdt foar mûnlinge kommunikaasje. Sa kin it wêze dat leararen yn 'e regel Frysk prate mei âlden, mar dat der ek âlden binne mei wa't Nederlânsk of krekt in streektaal praten wurdt, al nei gelang de taalfeardigens fan beide partijen yn it petear. Ienentritich prosint fan de fû-leararen folle yn dat se trochstrings Frysk prate mei âlden. Op de helte fan de pû-skoallen binne dêr gjin ôfspraken oer. Op njoggen prosint fan de pû-skoallen is de ôfspraak dat leararen yn prinsipe Nederlânsk prate mei âlden. Faak beslisse leararen sels hokker taal se prate mei âlden.

Hoewol't it byld nuansearre is, sjogge we dat der meastentiids gjin ôfspraken binne oer it benutsjen fan de meartaligens yn 'e skoalle. Undersyk fan ûnder oaren Le Pichon en Kambel (2018 yn Meertaligheid en onderwijs) wiist út dat meertalige learlingen better prestearje as harren talen 'posityf stipe' wurde op skoalle. As Frysktalige learlingen stimulearre wurde om sawol Frysk as Nederlânsk te ûntwikkeljen, kin dat harren skoalprestaasjes te'n goede komme.

Byld learlingen


Fan de learlingen yn it primêr ûnderwiis seit goed 56 prosint dat se Frysktalich binne. Dat komt likernôch oerien mei de gegevens dy't de Fryske Akademy dêroer publisearre yn 'e Taalsosjologyske Survey (Klinkenberg, 2017). It brûken fan it Frysk op skoalle leit lykwols leger as men miskien ferwachtsje soe mei mear as de helte Frysktalige learlingen. Goed in tredde fan de basisskoallelearlingen seit geregeld of altiten Frysk te praten mei oare learlingen op skoalle (figuer 5.2a.)

Figuer 5.2a. It persintaazje learlingen yn it primêr ûnderwiis (n=7.716) dat seit Frysk te praten mei oare learlingen, útsplitst nei taalprofyl (A oant en mei F). 2




Goed 17 prosint seit geregeld of altiten Frysk te praten mei de learaar. Neffens 10 prosint fan de ûnderfrege learlingen út it primêr ûnderwiis jout harren learaar geregeld of altiten ynstruksje yn it Frysk by oare fakken. It brûken fan it Frysk yn en bûten de les, as ynstruksjetaal of ynformeel, ferskilt nei gelang't de taalprofilen fan de skoallen ferskille. Dat is te sjen yn figuer 5.2b. en 5.2c.

Figuer 5.2b. It persintaazje learlingen yn it primêr ûnderwiis dat seit Frysk te praten mei de learaar (n =7728), útsplitst nei taalprofyl (A oant en mei F).




Figuer 5.2c. It persintaazje learlingen yn it primêr ûnderwiis dat seit dat de learaar ynstruksje yn it Frysk jout by oare fakken (n=7.716), útsplitst nei taalprofyl (A oant en mei F).



2 Fanwegen de lêsbereins fan de staafdiagrammen is it persintaazje fan skiften lytser as 10 prosint net yn it figuer werjûn.


Fan de learlingen yn it fuortset ûnderwiis seit trochstrings 6 op de 10 dat se Frysktalich binne. Op de skoallen mei in taalprofyl A is dat oandiel grutter, mar ek op skoallen mei in C1-profyl seit in romme mearheid fan de learlingen dat se Frysktalich binne (figuer 5.2d).

Figuer 5.2d. It persintaazje learlingen yn it fuortset ûnderwiis dat seit Frysktalich te wêzen (n=996), útsplitst nei taalprofyl (A oant en mei C1).




Goed in tredde seit - krektlyk as yn it primêr ûnderwiis - dat se geregeld of altiten Frysk prate mei freonen en klasgenoaten. In lytser part, noch gjin 14 prosint, seit geregeld of altiten Frysk te praten mei leararen by oare fakken (figuer 5.2e. en 5.2f.).

Figuer 5.2e. It persintaazje learlingen yn it fuortset ûnderwiis dat seit Frysk te praten mei freonen of klasgenoaten (n=838), útsplitst nei taalprofyl (A oant en mei C2).



Figuer 5.2f. It persintaazje learlingen yn it fuortset ûnderwiis dat seit Frysk te praten mei leararen by oare fakken (n=838), útsplitst nei taalprofyl (A oant en mei C2).



Learlingen fan skoallen yn it fuortset ûnderwiis mei in A-profyl sizze gâns faker as dy fan skoallen mei in oar profyl dat se geregeld Frysk prate mei de learaar by in oar fak. Fierders falt op dat der net folle ûnderskied is tusken skoallen mei in B- en C1-profyl. Der binne sels relatyf mear learlingen op skoallen mei in B-profyl dy't sizze nea Frysk te praten mei de learaar by in oar fak, as dat dat antwurd jûn wurdt troch learlingen fan skoallen mei in C-profyl. Wy hawwe dêr gjin ferklearring foar.

Likernôch 14 prosint fan de learlingen yn it fuortset ûnderwiis dy't de fragelist ynfollen seit fan doel te wêzen eksamen Frysk te dwaan. Dy learlingen komme benammen fan skoallen mei in A- of B-profyl (en dêr't Frysk as eksamenfak oanbean wurdt). Guon learlingen dy't fan doel binne eksamen te dwaan sitte op in skoalle mei in C1-profyl en ien learling sit op in skoalle mei in C2-profyl. Hoewol't net alle skoallen dêr't dy learlingen wei komme sels Frysk as eksamenfak oanbiede, hawwe guon skoallen in gearwurking mei in skoalle dy't it eksamenfak wol oanbiedt.

Skoalportret

Skoalle foar fuortset ûnderwiis mei in A-profyl en Frysk as eksamenfak

De skoalle biedt njonken de lessen Frysk ek oare fakken yn it Frysk oan. Learlingen wurdearje dat en fine it likernôch allegearre goed dat Frysk in ferplichte fak is. De learlingen dy't net Frysktalich binne, wurdearje ek de wize wêrop't de skoalle it Frysk oanbiedt. Yn alle ôfdielings op dizze skoalle kin Frysk keazen wurde as eksamenfak en dat bart ek.

De learlingen fine dat de dosint Frysk en de learaar yn oplieding op in goede wize rekken hâlde mei ferskillen. Sy witte net fan alle learlingen oft se thús Frysk prate, mar se soargje derfoar dat learlingen inoar helpe en sprekke eltsenien konsekwint oan yn it Frysk. Der wurdt konsekwint differinsjearre yn ynstruksje en yn de ferwurkingsopdrachten, en de learlingen wurde somtiden yndield yn nivogroepen. Sy fine dat in oangename wurkwize. De learlingen fine Frysk wichtich. Ien learling sei dêroer: "As ik fan hjoed op moarn gjin Frysk mear prate mocht, soe ik it paad hielendal bjuster wêze."

Dosinte: "Mar do praatst dochs ek goed Nederlânsk?"

"Jawis, mar Frysk is echt myn taal en heart by my."

De dosinten wurkje gear mei dosinten Frysk fan oaren skoallen binnen it bestjoer. Sy ûntwikkelje mei-inoar lesmaterialen en folgje geregeld mei-inoar opliedings rjochte op it Frysk. De leararen hawwe soargen oer it fuortbestean fan it skoalfak Frysk, om't se it idee hawwe dat it bestjoer it Frysk net wichtich fynt. Dêrnjonken sjogge se oankommen dat de skoalle rigoereuze karren meitsje moat om yn te spyljen op de tebegong fan it tal learlingen. It skrassen fan lytse (eksamen)fakken leit dan foar de hân. De rektor dielt dy soarch en neamt it dreech om de hege

kwaliteit te garandearjen as it Frysk bygelyks as projekt jûn wurde soe yn stee fan wykliks.

Frysk yn skoalgidsen en skoalplannen

De measte skoallen dy't we besochten meitsje melding fan it fak Frysk yn 'e passaazje yn de skoalgids dêr't se yn fermelde hokfoar ferplichte fakken oft der jûn wurde. Guon skoallen foegje dêr ynformaasje oan ta oer de lesmaterialen en it oantal minuten Frysk op it wykroaster. Skoallen mei in A-profyl dy't we besochten fermelde yn de skoalgids wat faker as oare skoallen mei hokfoar lesmaterialen oft it Frysk jûn wurdt. Yn it fuortset ûnderwiis is de passaazje oer Frysk regelmjittich yn it Frysk skreaun. Dat is net allinnich it gefal op skoallen mei in A-profyl, mar ek op skoallen mei in leger profyl.

Mar in pear skoallen fermelde yn harren skoalplan hokfoar ambysjes se mei it fak Frysk hawwe. Guon skoallen dy't we besochten hawwe de ambysje om trijetalige basisskoalle te wurden of meartalich fuortset ûnderwiis oan te bieden. Yn dy gefallen befettet it skoalplan ynformaasje oer de wize wêrop't de skoalle it oanbod Frysk ûntwikkelje wol en wêrom't dy dat dwaan wol.

5.3

Konklúzje

Hoewol't it tal learlingen dat yn it Frysk grutbrocht wurdt ôfnimt, seit noch hieltyd in romme mearheid fan de learlingen yn pû en fû dat se Frysktalich is. Benammen yn it pû binne grutte lokale ferskillen te sjen. De Stellingwerven, Harns en Ljouwert binne de plakken dêr't it Frysk it minst faak goed behearske wurdt. Yn Ljouwert steane bygelyks gjin basisskoallen mei in A-profyl.

De skoallen foar fuortset ûnderwiis lûke oer it algemien learlingen út de wide omkriten fan de skoalle. Dat makket dat de skoallen net yn deselde mjitte as de basisskoallen in taalprofyl hawwe dat oanslút by de mjitte dêr't it Frysk yn behearske wurdt troch de ynwenners yn 'e drekte omkriten fan de skoalle. Sa steane yn 'e stêd Ljouwert sân skoallen mei profyl A of B en fiif mei in leger profyl.

Der is in sterke oanwaaks yn *trijetalige skoallen* (dy't troch it netwurk begelaat en stipe wurde by it jaan fan Frysk). De skoallen dy't net by dat netwurk hearre, hawwe meastentiids gjin ôfspraken oer de fiertaal en de ynstruksjetaal op skoalle. Wol sjogge we dat op skoallen foar fuortset ûnderwiis mei in A-profyl learlingen mei de learaar fan in oar fak faker Frysk prate.

De measte skoallen hawwe gjin ôfspraken oer de fiertaal en de ynstruksjetaal. Skoallen kinne de meartaligens fan harren learlingen better stypje as se wol soksoarte fan ôfspraken meitsje. Basisskoallen soene dêrby sjen moatte nei de lokaal sprutsen taal en dêrby oanslute moatte.

6 Befinings oangeande de ûnderwiiskwaliteit en stjoering

6.1 Ynlieding

Yn dit haadstik dogge we ferslach fan de befinings op de ferskate nivo's dêr't we it ûndersyk op útfierden (bestjoer, direkteur, learaar, learling). Dêr't dat mooglik is, hawwe we de befinings op de ûnderskate nivo's mei-inoar ferlike en sa mei-inoar yn ferbân brocht. Foar alle befregde groepen makken we ûnderskied yn 'e befinings oer de ûnderwiiskwaliteit en dy oer de stjoering.


6.2 Befinings op it nivo fan de learling

Mear as 10.000 learlingen (n=10.109) út de groepen 6 oant en mei 8 fan it primêr ûnderwiis follen de fragelist yn, ferdield oer 280 skoallen. Yn 'e ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis follen 1.025 learlingen de fragelist yn, ferdield oer 23 skoallen.

6.2.1 Underwiiskwaliteit


Wy hawwe learlingen frege nei harren ûnderfinings mei de lessen Frysk. Fan de basisskoallelearlingen seit goed 45 prosint de lessen Frysk aardich te finen. Mear as de helte fynt de lessen somtiden of nea aardich. Mar op de fraach oft se de lessen learsum fine, antwurdet goed 45 prosint fan de learlingen befêstigjend. De oare helte fan de befregde learlingen út it primêr ûnderwiis seit de lessen somtiden of nea learsum te finen (figuer 6.2a.).

Figuer 6.2a. It persintaazje learlingen út it primêr ûnderwiis dat seit de lessen Frysk aardich te finen (n=7.574), útsplitst nei taalprofyl (A oant en mei F).



No hoecht skoalle fansels net altiten aardich te wêzen, mar learsume lessen binne wol in kearnzaak fan skoallen. By skoalbesites op skoallen mei in taalprofyl dêr't meardere ûntheffings by ferliend binne, fernamen we dat learlingen ferwachten dat de latte foar harren by Frysk heger lein waard as dat no bart. Yn 'e fragelisten lieten de learlingen witte dat se de lessen geregeld net learsum fine (figuer 6.2b.).

Figuer 6.2b. It persintaazje learlingen yn it primêr ûnderwiis (n=7.826) en fuortset ûnderwiis (n=926) dat seit de lessen Frysk learsum te finen.



Skoalportret

Skoalle foar primêr ûnderwiis mei in E-profyl

De skoalle hat yn alle groepen tritich minuten Frysk yn 'e wike ynroastere. Der wurdt wurke mei ûnderdielen út lesmetoaden. Op dizze skoalle binne amper Frysktalige learlingen en leararen. Dat makket it neffens de direksje ûndwaanlik om mear oan te bieden as allinnich aktiviteiten rjochte op in positive attitude yn relaasje ta it Frysk.

De skoalle jout by har ambysjes yn it taalplan oan dat se oer fjouwer jier itselde of minder oan Frysk dwaan wol en dat se it eins allinnich docht om't it wetlik ferplichte is. Dochs litte learlingen witte dat it harren aardich lykje soe om better Frysk te ferstean en te praten. De learlingen fine dat ek wichtich. Dêrnjonken sizze se dat de lessen Frysk aardiger en learsumer wurde as de learaar (besykje soe) harren mear Frysk prate te litten.

Dêrfan wie de skoalle him net bewust. Oan de ein fan 'e skoalbesite lit it tiim dan ek witte op 'en nij besprekke te sille wat se mei it skoalfak Frysk berikke wolle en hoe't se soks dwaan wolle.

Learlingen yn 'e ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis sizze yn mearheid dat se de lessen Frysk somtiden of nea aardich fine. Mar 35 prosint fan de learlingen fynt de lessen geregeld of altiten aardich. De groep dy't de lessen learsum fynt, is wat grutter: goed 39 prosint. Fan learlingen yn it fuortset ûnderwiis hearden we yn 'e petearen dy't we fierden ek dat se oer it algemien graach better Frysk ferstean en prate wolle soene.

Alle skoallen dy't Frysk oanbiede, rjochtsje harren yn alle gefallen op in positive attitude fan learlingen yn relaasje ta it Frysk. Soarchlik is dat de groep learlingen dy't seit troch de lessen positiver oer Frysk te tinken like grut is as de groep dy't seit dat soks net it gefal is (43,8 prosint positiver, 42,3 prosint net positiver).

As it giet om de learsumens fan de lessen hawwe we learlingen spesifiker frege nei de keardoelen dy't op harren skoalle oanbean wurde. Sa hawwe we frege oft learlingen fûnen dat se troch de lessen better Frysk prate, ferstean, lêze of skriuwe en oft se troch de lessen in positiver hâlding yn relaasje ta it Frysk hawwe. Harren antwurden hawwe we ferwurke yn tabel 6.2a. en 6.2b.

Tabel 6.2a. Learlingen yn it primêr ûnderwiis (n=7.796) oer ferbettering yn feardigens troch lessen Frysk.

Feardigens	% Ferbettere troch de lessen Frysk	% Net/ amper ferbettere troch de lessen Frysk	% Wit net	% Totaal
Praten	40,6	53,7	5,7	100
Ferstean	50,8	43,8	5,4	100
Lêzen	49,0	44,1	6,9	100
Skriuwen 3	38,5	52,2	9,3	100
Attitude	57,3	32,6	10,1	100

Tabel 6.2b. Learlingen yn it fuortset ûnderwiis (n=921) oer ferbettering yn feardigens troch lessen Frysk

Feardigens	% Ferbettere troch de lessen Frysk	% Net/amper ferbettere troch de lessen Frysk	% Wit net	% Totaal
Praten	34,5	57,4	8,1	100
Ferstean	40,1	51,4	8,5	100
Lêzen	55,1	35,8	9,1	100
Skriuwen 4	55,4	36,1	8,6	100
Attitude	43,8	42,4	13,8	100

In opfallend ferskil tusken de antwurden fan de learlingen is dat learlingen yn it fuortset ûnderwiis mear sizze te learen op it mêd fan lêzen en skriuwen. Yn it fuortset ûnderwiis kieze de skoallen mei in profyl C1 of C2 der gauris foar om it Frysk net op it roaster te setten, mar as projektwike yn te roasterjen. Learlingen binne posityf oer dy projektwike, mar ûnderfine him net as ûnderwiis yn it fak Frysk. De learlingen fan dizze skoallen fertelden de ynspekteur by de skoalbesites gauris dat se gjin les krije yn it fak Frysk.

Skoalportret

Skoalle foar fuortset ûnderwiis mei in C1-profyl

De skoalle biedt Frysk oan by in projektwike oan de ein fan it skoaljier: de *Fryske Wike*. Dêr binne in protte leararen fan ferskate fakken by belutsen. De learlingen geane dan op ferskate ekskurzjes nei typysk Fryske eveneminten of plakken. Yn 'e *Fryske Wike* fan 2019 wie it tema *it Fryske Gea*. Yn it ramt fan dat tema wie der mei biology in ekskurzje nei it Fryske Gea. De learlingen fierden dêr in opdracht út foar it fak biology.

De learlingen sizze op skoalle net better Frysk te learen. De aktiviteiten fine se aardich en learsum, mar net rjochte op it Frysk. Se sizze ek dat de leararen by de Fryske Wike net konsekwint Frysk prate. De projektwike wurdt troch learlingen net ûnderfûn as ûnderwiis yn it fak Frysk. Yn ynformele situaasjes prate Frysktalige learlingen en leararen Frysk mei-inoar, mar dat is gjin belied. Wol wiist de skoalle learlingen derop dat it Frysk wichtich is yn 'e lettere beropspraktyk.

3 Skriuwen wurdt allinnich oanbean op skoallen mei taalprofyl A. Fan de learlingen yn it primêr ûnderwiis dy't der les yn krije seit likernôch 60 prosint dat harren skriuwfeardigens ferbettere is troch de lessen Frysk.

4 Skriuwen wurdt allinnich oanbean op skoallen mei taalprofyl A. Fan de learlingen yn it fuortset ûnderwiis dy't der les yn krije seit goed 55 prosint dat harren skriuwfeardigens ferbettere is troch de lessen Frysk.

Differinsjaasje

Learlingen út it pû lieten witte dat de leararen neffens harren mar yn beheinde mjitte rekken hâlde mei ferskillen tusken learlingen. Sa seit 51 prosint fan de learlingen dat de learaar der rekken mei hâldt dat guon learlingen Frysktalich binne en oaren net. Goed 42 prosint fan de learlingen seit dat de learaar der rekken mei hâldt dat guon learlingen better binne yn Frysk as oaren. Sa fernimt dizze groep dat learlingen net allegearre deselde opdrachten of útlis krije. Learlingen sizze ek gauris dat de learaar rekken hâldt mei ferskillen troch ûnderskied te meitsjen yn 'e ynstruksjetaal: "Ze praten Nederlands tegen de Nederlandse kinderen." In protte learlingen meitsje opmerkings dêr't út opmakke wurde kin dat der net folle differinsjaasje is: "Eltsenien kriget likefolle útlis en ast in fraach hast dan helpt de juf." "Se (learlingen dy't goed yn Frysk binne) dogge itselde as de bern dy't net goed yn Frysk binne." Op basis fan de antwurden dy't de learlingen jouwe, is der sadwaande op it mêd fan differinsjaasje noch winst te beheljen.

Fierder sizze in protte leararen dat se wol deeglik rekken hâlde mei ferskillen tusken learlingen. Se hâlde faker rekken mei de al of net Frysktaligens fan harren learlingen as dat se rekken hâlde mei ferskillen yn ynstruksjeferlet fan learlingen. Goed 60 prosint fan de leararen yn it primêr ûnderwiis seit rekken te hâlden mei de ferskillen tusken Frysktalige en net-Frysktalige learlingen en 49 prosint jout oan rekken te hâlden mei ferskillen yn ynstruksjeferlet. Op de fraach hoe't se dat dogge, joegen de leararen bygelyks dizze antwurden: "Fryske bern lit ik mear prate." "Tuskentroch set ik nei it Nederlânsk oer foar de net-Frysktalige bern." "Ik brûk in programma op de iPad dêr't se sels mei oan 'e slach kinne." "Binnen de metoade kinst kieze foar differinsjaasje binnen de ynstruksje."

Yn it fuortset ûnderwiis seit ek mear as de helte fan de learlingen (51,4 prosint) dat de learaar der rekken mei hâldt dat guon learlingen Frysktalich binne en oaren net. Mar de sifers oer differinsjaasje lizze oars. Fan dizze groep seit 58 prosint dat de learaar der rekken mei hâldt dat guon learlingen better binne yn Frysk as oaren. Dat persintaazje leit nochal wat heger as yn it primêr ûnderwiis. Dêr hawwe we gjin ferklearring foar. De learlingen yn it fuortset ûnderwiis sizze dat harren leararen rekken hâlde mei nivoferskillen troch bygelyks te wurkjen mei ûnderskate ynstruksjegroepen, troch wol of krekt net oer te setten, mar ek troch oare toetsen te jaan of in oare normearing te hantearjen by de toets. De leararen antwurden op de fraach hoe't se rekken hâlde mei ferskillen tusken learlingen benammen dat se toetsen oars beoardielje of oare toetsfragen meitsje. Sy jouwe ek as foarbyld dat guon learlingen mear harkje wylst oaren krekt mear lêze. Fierders hawwe ynspekteurs yn 'e lesbesites amper differinsjaasje yn ynstruksje of ferwurking waarnommen.

6.2.2

Stjoering

Learlingen ûnderfine stjoering op ûnderwiiskwaliteit yndirekt. Dat aspekt is sadwaande net wiidweidich by learlingen befreged. Der binne wol in oantal skaaimerken op learlingenivo yn kaart brocht, wat in gefolch wêze kin fan stjoering op ûnderwiiskwaliteit. Dy skaaimerken kinne lykwols ek it gefolch wêze fan it inisjatyf dat leararen sels nimme. Likegoed sille we dochs dy skaaimerken yn dizze paragraaf besprekke.

Wy hawwe oan learlingen frege oft der in lesmetoade brûkt wurdt, oft der toetsen ôfnommen wurde foar Frysk en oft de learaar geregeld freget wat learlingen fan de lessen fine. De antwurden op dy fragen hawwe we ferwurke yn tabel 6.2c. en 6.2d.

Tabel 6.2c. Yndirekt ûnderfûne stjoering op ûnderwiiskwaliteit troch learlingen yn it primêr ûnderwiis

pû	% Ja	% Nee	% Wit net
Wurdt der in lesmetoade brûkt? (n=7.814)	38,7	55,6	5,7
Krigest wolris toetsen foar Frysk? (n=7.767)	12,7	74,8	12,5
Stiet it fak Frysk op dyn rapport? (n=7.767)	68,7	11,9	19,4
Freget dyn juf of master wolris wat jimme fan de lessen Frysk fine? (n=7.728)	13,4	76,2	10,4

Tabel 6.2d. Yndirekt ûnderfûne stjoering op ûnderwiiskwaliteit troch learlingen yn it fuortset ûnderwiis

fû	% Ja	% Nee	% Wit net
Wurdt der in lesmetoade brûkt? (n=923)	58,2	37,1	4,7
Krigest wolris toetsen foar Frysk? (n=914)	75,1	19,0	5,9
Stiet it fak Frysk op dyn rapport? (n=914)	82,7	6,5	10,8
Krigest in beoardieling foar it fak Frysk? (n=914)	62,8	27,0	10,2
Freget de learaar wolris wat jimme fan de lessen Frysk fine? (n=841)	43,6	46,7	9,6

Yn boppesteande tabellen falt op dat der yn it fuortset ûnderwiis folle faker toetsen ôfnommen wurde by it fak Frysk as yn it primêr ûnderwiis en dat der yn it fuortset ûnderwiis faker troch de dosint frege wurdt wat learlingen fan de lessen fine. Ut de resultaten fan de enkête ûnder de learlingen docht bliken dat skoallen foar primêr ûnderwiis mei in taalprofyl A of B faker in lesmetoade brûke as skoallen mei in profyl C, D, E of F. Mear as de helte fan de skoallen mei in A-profyl brûkt neffens learlingen *Spoar 8* en in tredde fan de skoallen mei in A-profyl brûkt *Studio F*. It brûken fan *Spoar 8* sacket nei 42 prosint op de skoallen mei in B-profyl en nimt fierder ôf yn de profilen dêr't minder kearndoelen oanbean wurde.

Skoalportret

Skoalle foar fuortset ûnderwiis mei in A-profyl en Frysk as eksamenfak
De skoalle wie oerstapt op in nije lesmetoade Frysk: Searje 36. Nei in healjier wiene de leararen lykwols ûntefreden oer de mooglikheden dy't de metoade bea. Doe is besletten der fuortendaliks mei op te hâlden en yn stee fan mei in taalmetoade tenei mei de Kanon fan de Fryske skiednis te wurkjen. De learlingen wurde dêrmei útdage om de taal funksjoneel te brûken en krije tagelyk feedback op de ynhâldlike korrektens fan wat se sizze of skriuwe, as ek op harren wurdgebrûk en grammatika. Der is sprake fan *content and language integrated learning*, lykas dat ek op twa- en trijetalige skoallen it gefal is. De skoalle fynt it ek in foardiel dat learlingen net selsstannich wurkje op in iPad, mar folle mear yn groepen.

6.3

Befinings op it nivo fan de learaar

Mear as 1.200 leararen út it primêr ûnderwiis, ferdield oer 290 skoallen, follen de fragelisten yn. Dêrnjonken follen 67 leararen út it fuortset ûnderwiis, ferdield oer 33 skoallen, de fragelisten yn. Omdat we gjin gegevens hawwe oer de oantallen leararen (Frysk) per skoalle, kinne we gjin útspraken dwaan oer de folsleine respons.

6.3.1

Underwiiskwaliteit

Yn it primêr ûnderwiis wurdt neffens de leararen trochinoar per groep likernôch 40 minuten yn 'e wike Frysk jûn. It gemiddelde is berekkene oer antwurden dy't útinoar

rûnen fan 10 oant 360 minuten yn 'e wike. Lykwols it faakst (373 kear fan 828 ynfollers) folje leararen yn it primêr ûnderwiis yn dat der yn 'e boppebou in healoere yn 'e wike Frysk jûn wurdt. Yn 'e ûnderbou wurdt ek it faakst in healoere yn 'e wike Frysk jûn (352 kear fan 744 ynfollers).

By de lesbesites dy't ynspekteurs brochten, konstatarearren se dat der yn likernôch alle besochte lessen op basisskoallen effisjint mei de lestiid omgongen waard. In oare, opfallende konstataarring fan de ynspekteurs wie dat se oer it algemien posityf wiene oer it learklimaat yn 'e lessen Frysk. Dy yndikaasje waard faker as de oare yndikatoaren mei in 'goed' beoardiele.

Skoalportret

Skoalle foar primêr ûnderwiis mei in B-profyl

De skoalle wurket net yn alle groepen op deselde wize oan Frysk. Hoewol't alle leararen, de direkteur en de learlingen sizze dat se Frysk wichtich fine, wurdt it fak yn guon groepen wykliks jûn en yn oare groepen langere perioaden net. Dat hat te krijen mei de prioriteit dy't de groepslearaar oan it fak jout. De ûntwikkeling fan it fak Frysk stiet net op de wurklist fan it tiim.

De leararen meitsje gebrûk fan fariëarre lesmateriaal en binne dêr ek tefreden mei. Der wurdt wurke mei wurkboekjes, filmkes en lêsbokjes. Hoewol't der ûnderskate materialen beskikber binne, wurde dy net doelberet ynset. Learlingen sizze dat se it wurkjen yn 'e wurkboekjes stom fine, mar dat Frysk dochs wol in wichtich en aardich fak is.

Yn 'e ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis wurdt ek trochinoar fjirtich minuten yn 'e wike Frysk jûn. Yn dit gefal waard it gemiddelde berekkene oer antwurden dy't útinoar rûnen fan tweintich oant njoggentich minuten yn 'e wike. Dêr moat noch by opmurken wurde dat it faker foarkomt dat Frysk net wykliks jûn wurdt, mar yn in ôfbeakene lesperioade. Sa binne der skoallen dy't alle jierren in Fryske wike organisearje dêr't de learlingen lessen Frysk yn krije en wurkje oan projekten oer Frysk. Yn dy wiken fine ek ekskurzjes plak dy't te krijen hawwe mei Fryske kultuer en taal.

De measte skoallen yn it fuortset ûnderwiis mei in profyl A of B jouwe wykliks ien lesroede Frysk. De fû-skoallen mei in C1- of C2-profyl en ien skoalle mei in B-profyl jouwe Frysk yn in projektwike. By de skoalbesites wennen de ynspekteurs op in stikmannich skoallen dielen fan sokke projektwiken by. Sy konstatarearren dat der yn dy wiken folop omtinken is foar de Fryske kultuer. It omtinken foar it ûntwikkeljen fan taalfeardigens wie lykwols meastentiids by de observearre ûnderdielen lyts.

Fan de leararen yn it fuortset ûnderwiis dy't de fragelist ynfollen, seit mar 37 prosint dat de tiid dy't wykliks beskikber is genôch is om de keardoelen (dy't hearre by harren taalprofyl) te beheljen. Leararen yn it primêr ûnderwiis binne dêr positiver oer. Fan harren seit 65 prosint dat de beskikbere tiid genôch is.

Sicht op de ûntwikkeling fan learlingen

Op goed twa tredde fan de skoallen foar primêr ûnderwiis is neffens de leararen sprake fan in trochrinnende learline by it fak Frysk. It giet dan om it learstofaanbod. De mearheid fan de leararen lit lykwols witte dat de ûntwikkeling fan learlingen by it fak Frysk net op in systematyske wize folge wurdt. It ûntwikkele folchsysteme, Grip, wurdt brûkt troch likernôch 3 prosint fan de ynfollers op basisskoallen. Fan de leararen yn it fuortset ûnderwiis seit 27 prosint dat se Grip brûke. Mar in lyts part fan de skoallen brûkt ek toetsen om fêst te stellen hoe feardich oft de learlingen yn it Frysk binne (yn it primêr ûnderwiis 15,5 prosint, yn it fuortset ûnderwiis 56,9 prosint). Nettsjinsteande dat stiet der meastentiids wol in fermelding oer Frysk op it rapport fan de learlingen.

Yn it grutste part fan de skoalbesites (54 fan de 63) dy't de ynspekteurs brochten op skoallen foar primêr ûnderwiis foel it yn 'e lessen op dat leararen net systematysk sicht hâlden op de ûntwikkeling fan learlingen. Dat makke dat der op de measte

besochte basisskoallen ek ûnfoldwaande ôfstimd waard op ferskillen yn taalbehearsking fan learlingen. De ynspekteurs fernamen yn guon lessen dat it tekoart oan ôfstimming effekt hie op de motivaasje fan learlingen. De learlingen dy't al in goede taalbehearsking hiene waarden minder motivearre, sa seagen de ynspekteurs. De lessen wiene foar harren net learsum en útdaagjend genôch. Hoewol't der in dúdlik byld sketst wurde kin oer dit ûnderdiel fan de leskwaliteit, is it foar konklúzjes oer de leskwaliteit dy't jilde foar alle skoallen yn Fryslân nedich om in grutskaliger ûndersyk út te fieren.

Skoalportret

Skoalle foar primêr ûnderwiis mei in C-profyl

Alle leararen fan de skoalle binne Frysktalich en it grutste part fan de learlingen ek. Op dizze skoalle wurdt yn alle groepen Frysk jûn en leit de klam op praten en harkjen. Neffens de leararen is der genôch tiid ynroastere om de keardoelen dy't hearre by it C-profyl te heljen en slagget it dêrnjonken om mear te dwaan as dat. Hoewol't de leararen en de direkteur sizze it Frysk wichtich te finen fanwegen de Frysktalige omjouwing binne der gjin plannen of ambysjes foar it Frysk. De skoalle hat net de ambysje om in heger taalprofyl te beheljen. Learlingen dy't we sprieken binne ferdield oer it belang fan it Frysk. De measten fine it o sa wichtich dat der Frysk jûn wurdt, want "Frysk is in echte taal, ús eigen taal!". Guon fine it krekt net goed dat der Frysk jûn wurdt, "Om't Nederlanners dat net ferstean kinne, en wy by einbeslút yn Nederlân wenje". De skoalle wurket mei Spoar 8 en leararen meitsje ek sels materiaal. Learlingen krije foar Frysk in beoardieling op it rapport op grûn fan observaasjes.

Yn it fuortset ûnderwiis lizze dy sifers oars. De measte skoallen nimme toetsen ôf foar Frysk of se jouwe in sifer foar praktyske opdrachten. By de measte skoallen stiet ek in fermelding fan Frysk op it rapport. Fan de learlingen dy't de fragelist ynfollen, seit trijekwart dat se wolris toetsen krije foar Frysk. De leararen foegje dêr oan ta dat foar Frysk meastentiids in sifer op it rapport stiet. Dat is it gefal by likernôch 60 prosint fan de skoallen foar fuortset ûnderwiis dêr't Frysk jûn wurdt. Op noch ris 17 prosint fan de skoallen stiet der wol in fermelding, mar gjin sifer op it rapport.

Differinsjaasje

Lykas earder neamd (6.2.1) binne leararen positiver as harren learlingen oer hoefolle oft se rekken hâlde mei ferskillen tusken learlingen. Ofgeand op de observaasjes fan de ynspekteurs lykje de learlingen goede tips te hawwen foar harren leararen as it giet om better differinsjearjen yn 'e lessen. Dy tips geane bygelyks oer it jaan fan oare opdrachten oan learlingen dy't better binne yn Frysk.

6.3.2 *Stjoering*

6.3.2.1 *Foegen fan leararen*

Mei help fan de fragelisten hawwe we ynformaasje sammele oer de foegen fan leararen. Dy ynformaasje is net hielendal ferlykber mei dy út 2009, om't foegen dy't yn 'e jierren 60 en 70 fan de foarrige iuw helle wurde koene no net mear besteane en minsken mei dy akten yntusken mei pensjoen binne. It docht bliken dat goed 34 prosint fan de basisskoalleleararen nei eigen sizzen gjin foech hat. It is mooglik dat dy leararen wol in oplieding Frysk folge hawwe mar dat dy net late ta in foech (bygelyks in minor Frysk). Fan de respondinten hat 54,3 prosint wol in foech. Fierder is it foech Frysk (krekt as Ingelsk) yn it primêr ûnderwiis gjin ferplichting om it fak jaan te meien.

Op grûn fan de ynformaasje fan direkteuren die bliken dat yn 2009 de helte fan de leararen yn it Fryske primêr ûnderwiis in foech hie foar Frysk. Mooglik leit it feitlike persintaazje heger, om't de direkteuren foar 28 prosint fan harren leararen net wisten oft se in foech hiene. Yn 2019 stelden we de fraach ek oan de leararen sels. De antwurden fan de leararen binne hjirûnder opnommen. Tabel 6.3a. befettet gegevens oer de opliedings en foegen fan leararen yn it primêr ûnderwiis.

Tabel 6.3a. Opliedings en foegen yn it primêr ûnderwiis.

Oplieding	2009 Trochsnee persintaazje leararen mei oplieding X neffens direkteur, (n=455)	Trochsnee persintaazje leararen mei oplieding X neffens direkteur, (n=2019)	2019 Trochsnee persintaazje leararen mei oplieding X neffens learaar, (n=959)
Afûk A, Afûk B of Afûk C	4	6,7	11,6
Foech/Skoalsertifikaat Pabû / PA	18	38,0	50,5
Applikaasjekursus Frysk	10	5,0	5,5
Akte fan bekwamens Frysk (1e, 2e of 3e graad)	12	4,6	5,2
Bachelor/ 2e graads learare-oplieding Frysk	-	0,01	0,3
Doktoraal of master Frysk	-	-	0,2
Gjin foech foar Frysk	2	24,0	34,9
Unbekend	28	10,4	-
Oars		2,5	2,5

Yn 2010 is de NHL Stenden Hegeskoalle yn Ljouwert dermei begûn it foech Frysk as nei-oplieding oan te bieden. Wy sjogge dat dat effekt hat hân, want it tal leararen mei it foech Frysk is tanommen. Dochs seit 91 prosint fan de leararen yn it primêr ûnderwiis dy't de fragelisten ynfolle dat se de ôfrûne 2 jier nea in nei-oplieding op it mêd fan Frysk dien hawwe. By de leararen yn it fuortset ûnderwiis seit 55 prosint de ôfrûne 2 jier nea in nei-oplieding dien te hawwen. As leararen wol in kursus op it mêd fan Frysk folge hawwe, dan wie dat meastentiids in metoadetruening *Spoar 8 of Searje 36*.

Opfallend is dat yn 2019 direkteuren yn it fuortset ûnderwiis witte litte dat mar in lytse 40 prosint fan de leararen dy't op harren skoallen Frysk jout dêrta it foech hat. De leararen sels sizze dat in lytse 40 prosint nê't it foech hat en sadwaande 60 prosint wól. Yn eardere ûndersiken fan de ynspeksje waard troch direkteuren min-ofte-mear itselde persintaazje neamd (2009: 40 prosint; 2005: 50 prosint). It ûndersyk fan Varkevisser en Walsweer út 2018 neamt ek it hege persintaazje sûnder foech jûne lessen yn it fuortset ûnderwiis (Varkevisser en Walsweer, 2018; haadstik 10).

Tabel 6.3b. Leararen mei oplieding X neffens leararen yn it fuortset ûnderwiis (n=959).

Oplieding	Persintaazje
Afûk A, Afûk B of Afûk C	9,3
Foech / Skoalsertifikaat Pabû / PA	16,7
Applikaasjekursus Frysk	5,6
Akte fan bekwamens Frysk (1e, 2e of 3e graad)	3,7
Bachelor / 2e graads learare-oplieding Frysk	20,4
Doktoraal of master Frysk	7,4
Gjin foech foar Frysk	22,2
Unbekend	14,8
Oars	4,5

It ûnderhâlden fan it foech foar Frysk troch it regelmjittich folgjen fan kursussen bart yn it primêr ûnderwiis amper. Fan de befregde basisskoalleleararen liet goed 8 prosint fia de fragelist witte somtiden in nei-oplieding op it mêd fan Frysk te dwaan. De leararen yn it fuortset ûnderwiis folgje faker kursussen rjochte op it Frysk: goed 44 prosint fan de ynfollers folge de ôfrûne 2 jier in kursus. Direkteuren en bestjoeren stimulearje de leararen oer it algemien net om in nei-oplieding op it mêd fan Frysk te dwaan. As leararen dêr lykwols in oanfraach doar dogge, wurdt dy neffens de direkteuren eins altiten honorearre. As der wol in nei-oplieding dien wurdt, giet it meastentiids om metoadetrenings. Skoallen dy't in nije lesmetoade foar Frysk oantúgje, soargje dat it tiim ynstruksje kriget yn it brûken fan de metoade.

Direkteuren yn it fuortset ûnderwiis dy't witte litte dat de leararen dy't Frysk jouwe lang net altiten in foech hawwe, jouwe dêrby ûnder oaren as reden dat se stjoerden op it heljen fan oanfoljende foegen dy't nedich wiene foar de nije eksamenprofilen yn it tmbû.

6.4 Befinings op it nivo fan de direkteur


Mei-innoar follen 329 direkteuren yn it primêr ûnderwiis de fragelist yn. Dat is in respons fan 83,5 prosint. Yn it fuortset ûnderwiis follen 51 direkteuren/rektoaren de fragelist yn. Dat is in respons fan 61,4 prosint.

6.4.1 *Underwiiskwaliteit*


De direkteuren hawwe der in byld fan yn hoefier't leararen rekken hâlde mei ferskillen tusken learlingen. Yn it fuortset ûnderwiis sizze direkteuren dat harren leararen geregeld of altiten rekken hâlde mei ferskillen yn Frysktaligens tusken learlingen. Neffens harren direkteuren hâlde leararen geregeld of altiten rekken mei ferskillen yn ynstruksjeferlet. Omdat it op in kreative wize rekken hâlden mei ferskillen in posityf effekt hawwe kin op learprestaasjes fan learlingen (Deunk et al., 2018), is it foar direkteuren sinfol om dêr omtinken oan te jaan yn 'e stjoering op de kwaliteit fan it ûnderwiis.

Direkteuren fan skoallen yn it primêr ûnderwiis binne der negativer oer hoefolle oft harren leararen rekken hâlde mei nivoferskillen. Sy sizze dat 75 prosint fan de leararen rekken hâldt mei ferskillen yn Frysktaligens en dat 65 prosint fan de leararen geregeld of altiten rekken hâldt mei ferskillen yn ynstruksjeferlet fan learlingen (figuer 6.4a. en 6.4b.).

Figuer 6.4a. Leararen hâlde rekken mei ferskillen tusken Frysktalige en net-Frysktalige learlingen (neffens direkteuren).



Figuer 6.4b. Leararen hâlde rekken mei ferskillen yn ynstruksjeferlet fan learlingen (neffens direkteuren).



Lykas earder opmurken, komme de observaasjes fan de ynspekteurs yn 'e skoalbesites oan basisskoallen op dit punt net mei de antwurden fan de direkteuren oerien. De ynspekteurs beoardielen de yndikatoaren oer differinsjaasje faker as ûnfoldwaande as de oare yndikatoaren oer it didaktysk hanneljen. Dat ferskil fertsjinnet omtinken en neier ûndersyk, om't it streekrjocht aspekten fan kwaliteitssoarch rekket.

6.4.2

Stjoering

It grutste part fan de direkteuren seit dat de leararen op de hichte binne fan it taalprofyl dat oan de skoalle takend is. Yn it primêr ûnderwiis is it persintaazje dat op de hichte is heger as yn it fuortset ûnderwiis. Wy sjogge ek dat by it grutste part fan de skoallen wurke wurdt oan de kearndoelen dy't hearre by it taalprofyl. Op 43 prosint fan de skoallen yn it primêr ûnderwiis en 24 prosint fan de skoallen yn it fuortset ûnderwiis wurdt dêr lykwols mar foar in part oan wurke.

Soarchlik is dat 60 prosint fan de direkteuren fan skoallen yn it primêr ûnderwiis seit dat op syn of har skoalle de kearndoelen mar foar in part helle wurde en 10 prosint seit dat de kearndoelen net helle wurde. Foar it fuortset ûnderwiis jildt dat 50 prosint fan de direkteuren seit dat de kearndoelen foar in part helle wurde en 3 prosint seit dat se net helle wurde. In mooglike ferklearring dêrfoar hearden we fan de direkteuren yn 'e fraachpetearen. In part fan de direkteuren fertelt yn 'e fraachpetearen dat it taalprofyl dat takend is eins net passend is. It is bygelyks basearre op it oanbod yn ien groep of bou, wylst de skoalle sels noch net tefreden is oer it oanbod yn 'e oare groepen.

Skoalportret

Skoalle foar primêr ûnderwiis mei in A-profyl

Alle leararen hawwe it foech Frysk en de measte learlingen en leararen binne Frysktalich. Yn 'e skoalle wurdt in protte Frysk praten en yn alle groepen, útsein groep 3 en 4, stiet Frysk wykliks op it lesroaster.

Hoewol't de learlingen entûsjast binne oer Frysk en se it in wichtich fak fine, litte se wol witte dat se graach mear leare wolle soene as wat se fan hûs út al leare. Sy wolle bygelyks better staverjen leare. Eins sizze de learlingen dat de lessen te min doelberet binne. Dat slút oan by de observaasje fan it tiim dat it nedich is in trochgeande learline foar alle groepen te ûntwikkeljen. It tiim hat ek stipe ynroppen om better wurkje te learen mei de metoade Spoar 8.

De skoalle hat in hege ambysje mei it Frysk en wol yn 'e takomst graach in trijetalige skoalle wurde. Op dit stuit fynt it tiim it A-profyl eins net passend, om't der noch in protte ûntwikkelwurk te dwaan is.

Direkteuren yn it primêr ûnderwiis litte witte dat se meastentiids gjin lesbesites útfiere dy't rjochte binne op de kwaliteit fan it Frysk. Sy dogge dit yn mar 6,5 prosint fan de gefallen. Yn it fuortset ûnderwiis leit dat oars. Dêr seit 29 prosint fan de direkteuren dat se lesbesites útfiere dy't rjochte binne op it Frysk. Wol hawwe de direkteuren yn beide sektoaren in byld fan de kwaliteit fan it didaktysk hanneljen. Oer it algemien binne se dêr tefreden mei (85 prosint yn it fuortset ûnderwiis en 79 prosint yn it primêr ûnderwiis).

De mjitte wêryn't der oangeande it Frysk skoallebreed belied is, is tanommen yn ferliking mei 2009 (sjoch figuer 6.4a).

Tabel 6.4a. Persintaazje skoallebreed belied Frysk neffens direkteuren.

	pû- direkteuren 2009 (n=56)	pû- direkteuren 2019 (n=279)	fû- direkteuren 2009 (n=21)	fû- direkteuren 2019 (n=34)
Der is taalbelied Frysk	63%	73%	67%	85%
Der is belied oer Frysk as fiertaal ⁵	38%		19%	
It belied foar Frysk is fêstlein yn in jierplan	20%	51%	29%	65%
Frysk is somtiden/gauris ûnderwerp fan petear by gearkomsten		91%		85%
Frysk is somtiden/gauris ûnderwerp fan petear tusken direktEUR en bestjoer		70%		82%

6.5 Befinings op it nivo fan it bestjoer

Der binne 25 bestjoeren foar fuortset ûnderwiis (somsiden yn kombinaasje mei mbû) en 49 bestjoeren foar primêr ûnderwiis (somsiden yn kombinaasje mei spesjaal basisûnderwiis). Wy hâlden fraachpetearen mei 28 bestjoerders yn it primêr ûnderwiis en 10 bestjoerders yn it fuortset ûnderwiis. Dêrnjonken follen 42 bestjoerders yn it primêr ûnderwiis en 17 bestjoerders yn it fuortset ûnderwiis de fragelisten yn.

6.5.1 *Underwiiskwaliteit*

Mear as de helte fan de bestjoeren seit tefreden te wêzen oer de kwaliteit fan it ûnderwiis Frysk op harren skoallen. Guon fan de ynfollers sizze dat se ûntefreden binne oer de kwaliteit en goed in tredde fan de bestjoerders seit net te witten hoe't de kwaliteit is. Foar dat lêste jouwe se as ferklearring dat se de stjoering op de kwaliteit fan it oanbod oerlitte oan de direkteuren fan de skoallen. Dat is net allinnich it gefal foar it fak Frysk mar ek foar de oare fakken. Mar trije ynfollers litte witte goed te stjoeren op de kwaliteit en de kwaliteitsûntwikkeling fan it fak Frysk.

Wy hawwe de bestjoerders frege nei harren byld fan de útfiering fan it skoalbelied op it mêd fan Frysk. Konkreet fregen we nei harren belutsenens by it ynfoljen fan it

⁵ Yn 2019 is dy fraach allinnich steld oan bestjoerders. Fan de bestjoerders seit 39 prosint dat der bestjoersbreed belied is op it mêd fan it brûken fan Frysk as fiertaal. Sjoch ek tabel 6.5a.

taalplan (en sadwaande it krijen fan tydlike ûntheffings foar ien of mear keardoelen), nei harren belutsenens by it organisearjen fan rânebetingsten (it ynfieren fan in nije lesmetoade, it oanstellen fan in taalkoördinator) en nei it stimulearjen fan nei-opliedings Frysk foar leararen. Wêr't 45 prosint fan de befrege bestjoerders witte lit belutsen west te hawwen by it ynfolgen fan it taalplan, seit in lytsere groep belutsen west te hawwen by de oare neamde mooglikheden.

Opfallend is dat mar 15 prosint ynfollet dat se leararen stimulearje om nei-opliedings te dwaan. Dat falt op, om't it de ferantwurdlikens fan it bestjoer is om te soargjen foar genôch befoege en bekwame leararen en om leararen by steat te stellen harren betûftens te ûnderhâlden.

Yn 2009 konstatearren we ek dat der amper stjoering is op it folgjen fan nei-opliedings op it mêd fan Frysk.

6.5.2 *Stjoering*

Bestjoeren ferskille tige yn hoefolle oft sy belang hechtsje oan it Frysk en yn 'e mjitte wêrop't se stjoere op kwaliteitsûntwikkeling fan it fak. Dat is ek yn oare ûndersiken fêststeld (DINGtjied, 2016). Wy sjogge wol dat der min-ofte-mear ienriedigens is as it giet om de miening fan bestjoeren oer de ambysje fan de provinsje. De measte bestjoeren fine it te heech grypt om yn 2030 te foldwaan oan alle keardoelen. Sy litte fia de fragelisten en de fraachpetearen witte dat se de stipe fan de provinsje goed fine, mar dat se ferwachtsje dat der realistyske doelen steld wurde. Yn 2030 foar alle skoallen in A-profyl fine de bestjoeren net realistysk.

Guon bestjoeren yn it fuortset ûnderwiis hawwe foar it Frysk boppeskoalsk belied makke. Dat belied is rjochte op it ûntwikkeljen fan it fak. Ien bestjoer wol Frysk bygelyks op mear skoallen as eksamenfak oanbiede, ek as dat betsjut dat learlingen it fak folgje op in oare skoalle (fan itselde bestjoer) yn 'e omkriten. In oar bestjoer biedt ek mooglikheden om sertifikaten Frysk te heljen en rjochtet him dêrnjonken op it trochûntwikkeljen fan it oanbod Frysk, mei as doel om it oanbod better oanslute te litten by ferfolchûnderwiis of de takomstige beropspraktyk fan learlingen. Dy bestjoerlike stjoering op it fak Frysk wurdt ek ta ûnderwerp fan petear makke yn it bestjoerlik gearwurkingsferbân Pompeblêd. Dy ûntwikkelings binne fan resinte datum.

Der binne ek bestjoeren fan skoallen foar primêr ûnderwiis mei boppeskoalsk belied foar it Frysk. Dat is meastentiids rjochte op oansluting by it netwurk fan *trijetalige skoallen*. In stikmannich fan dy bestjoeren seit yn 'e fraachpetearen dat it ynspeksjeûndersyk fan 2009 der in stimulâns foar west hat om mear omtinken oan it Frysk te jaan.

De bestjoeren dy't belied hawwe dat spesifyk rjochte is op it Frysk binne lykwols yn 'e minderheid. Yn eardere ynspeksjeûndersiken hawwe we oan bestjoeren fan skoallen foar primêr ûnderwiis frege oft se oangeande it Frysk belied hawwe. No is dy fraach ek oan bestjoeren yn it fuortset ûnderwiis steld. De resultaten steane yn tabel 6.5a.

Tabel 6.5a. Persintaazje bestjoeren (n = 59) dat seit belied te hawwen oangeande Frysk.

	Belied oangeande it Frysk	Belied oangeande Frysk as fiertaal
2005	40	3
2009	63	38
2019 (pû en fû)	52	39

Yn 'e fragelisten dy't we direkteuren foarlein hawwe, fregen we oft it Frysk de ôfrûne 2 jier ûnderwerp fan petear west hat by oerlis mei it bestjoer. Likernôch 70 prosint fan de direkteuren folle yn dat dat somtiden of geregeld it gefal west hat. Mooglik litte bestjoeren de stjoering op it ûnderwiis Frysk oer oan de direkteuren en

ynformearje dy harren bestjoerder oer wat der op skoalle bart op it mêd fan it Frysk. Kleardernôch bart dat ek as der gjin bestjoersbeslút op it Frysk rjochte is.

Wy hawwe sjoen oft der op dat punt ferskillen binne tusken de taalprofilen. It docht bliken dat dat net sa is. By alle taalprofilen wurdt it faakst ynfolle dat de direkteur somtiden mei de bestjoerder oer Frysk praat. By de skoallen mei in A-profyl follet ek likernôch 30 prosint fan de direkteuren yn dat se nea mei harren bestjoerder oer Frysk prate.

Guon bestjoeren litte witte dat de tebekgong fan it tal learlingen in reden is om oare prioriteiten te stellen yn 'e beliedsûntwikkeling. Yn Fryslân is in gemiddelde tebekgong fan goed 30 prosint te sjen (Van der Esch en Van Hattem, 2019). Dat hat ta gefolch dat der regelmjittich skoallen en bestjoeren fusearje. Yn dy kontekst hat it foar bestjoeren prioriteit om te stjoeren op personielsbelied, gebouwen en behear, sa docht bliken út de fraachpetearen dy't we hâlden. Faak komt dêrnei de stjoering op ûnderwiiskundich mêd, dêr't it omtinken ynearsten nei de opbringsten en de ûnderwiiskwaliteit fan de kearnfakken by útgiet.

Troch de tebekgong fan it tal learlingen wurde bestjoeren min-ofte-mear twongen om harren op gearwurking te rjochtsjen. Dat kin in kâns wêze foar it fak Frysk. Bestjoeren kinne ôfspraken meitsje oer it mei-inoar oanstellen fan in stikmannich befoege en bekwame leararen Frysk. It tal lessen troch befoege dosinten kin dêrmei tanimme.

6.6 Konklúzje

De stjoering fan bestjoeren en skoallieders op it oanbod Frysk en de kwaliteit dêrfan is net sterk ûntwikkele. Boppedat jouwe skoallen ta dat se net altiten wurkje oan alle keardoelen dy't hearre by harren taalprofyl. It oanbod Frysk lit te winskjen oer. Guon direkteuren litte witte dat it takende taalprofyl foar harren skoalle net passend is. Wy konkludearje dat it belied op it mêd fan de taalprofilen yn 'e skoallen net wurket lyk as dat bedoeld is en dat der ûnfoldwaande stjoerd wurdt op it oanbod Frysk.

Soarchlik is dat der yn it fuortset ûnderwiis in protte lessen binne dy't troch dosinten sûnder foech jûn wurde en dat leararen yn beide skoaltes boppedat net folle gebrûk meitsje fan de mooglikheden om harren betûftens te ûnderhâlden.

In wichtige stimulâns by it ûntwikkeljen fan it fak Frysk kin wêze dat learlingen regelmjittich oan de ynspekteurs fertelden dat se ferwachtsje dat de skoalle de latte heger leit as dat no it gefal is.

7 Befinings oangeande de ambysjes fan skoallen en bestjoeren

Lykas sein is de ambysje fan de provinsje dat yn 2030 alle skoallen alle keardoelen Frysk oanbiede. De bedoeling is om dêr stapke foar stapke hinne te wurkjen troch alle fjouwer jier mei de skoallen op 'en nij harren taalprofyl fêst te stellen. Yn eardere haadstikken beskreaune we dat it noch te min slagget om te foldwaan oan de wetlike easken. It waaksmodel fan de provinsje soe soargje moatte foar de ambysje by bestjoeren en skoallen om yn 'e takomst wol oan de wetlike easken te foldwaan.

Wy fregen bestjoerders hokfoar ambysje se hawwe mei it Frysk op harren skoallen. It antwurd is ûntrêstigjend. Likernôch de helte fan de bestjoerders liet witte gjin ambysje te hawwen. As bestjoeren wol de ambysje hawwe ta it útwreidzjen fan it oanbod Frysk, dan jouwe se dêrfan de neikommende foarbylden: derfoar soargje dat al harren skoallen *trijetalige skoallen* wurde, dat al harren skoallen op syn minst in C-profyl helje en it Frysk in plak jouwe binnen it kurrikulum fan it yntegraal bernsintrum dat opsetten wurdt.

By de direkteuren is it tal respondinten dat seit ambysje te hawwen mei it Frysk noch leger: 28 prosint fan de direkteuren yn it fuortset ûnderwiis seit ambysjes te hawwen mei it Frysk en by de direkteuren yn it primêr ûnderwiis is dat 33 prosint. De direkteuren dy't wol foarbylden jouwe fan ambysjes neame opfallend faak saken dy't bestjoersbreed ôfpraat binne: mear skoallen dy't tawaakse nei *trijetalige skoalle*, of op mear skoallen de mooglikheid biede eksamen te dwaan yn Frysk. Der binne ek ambysjes op it mêd fan boppeskoalske gearwurking.

De measte Fryske pû-bestjoerders sizze Frysk wol deeglik wichtich te finen, mar gjin útwurke belied (fêstlein yn in kwaliteitssykylus) te hawwen op it mêd fan de Fryske taal. Sy litte witte dat it foar harren wichtich is om earst de basis op oarder te hawwen, en krekt dêrnei omtinken te hawwen foar it Frysk. Frysk moat neffens de bestjoerders wol omtinken krije om't it kultureel erfgoed is. Fierders sjogge we grutte lokale ferskillen yn it belang dat oan it Frysk hechte wurdt. Bestjoerders fan basisskoallen dêr't in protte Frysktalige learlingen en leararen binne, hechtsje mear belang oan it Frysk as dy fan skoallen yn mear Nederlânsktalige omjouwings. Dat lêste jildt benammen foar de stêden Ljouwert en Snits en foar de Stellingwerven.

Skoallen yn it fuortset ûnderwiis hawwe oer it ginneraal in regiofunksje. Dêrom is op dy skoallen minder sichtber hoe't oansletten wurdt by de mjitte fan Frysktaligens fan de learlingepopulaasje. Dat sjogge we ek net werom yn it taalprofyl. De Fryske skoallen foar fuortset ûnderwiis kieze der ek yn de stêden foar om meartaligens wichtich te finen of net. De skoallen dy't ta it netwurk fan meartalige skoallen hearre (mfû) of Frysk oanbiede as eksamenfak dogge dat om meartaligens oer it ginneraal te stimulearjen en dêrmei learprestaasjes te optimalisearjen, of om learlingen de útdaging te bieden fan it learen fan in ekstra taal.

Wy sjogge yn 'e taalbeliedskar dy't makke wurdt net folle ûnderskied tusken tmbû- en hafû/twû-skoallen. De fû-mbû skoallen (Nordwin en AOC Terras) binne dêr in útsûndering op. Yn it netwurk fan Fryske mbû's binne ôfspraken makke oer it oanbod Frysk.

Lykas earder neamd is de gearwurking fan fû-bestjoeren binnen Pompeblêd en Fricolore in foarm dy't kânsen biedt foar de ûntwikkeling fan it fak Frysk. Binnen dy gearwurking kin bygelyks keazen wurde foar it mei-inoar oanstellen fan in learaar.

Ferskate kearen sizze respondinten dat it Frysk proporsjoneel omtinken krije moat. De bestjoerders dy't dat antwurd jouwe, litte witte dat se de beliedskar foar taalprofilen en dêrby hearrende ûntheffings fan keardoelen passend fine. De taalprofilen slute oan by de werklikheid fan skoallen (taalsituaasje fan learlingen en

personeel). Mei de takenning fan taalprofilen is it gefoel fan falen ('It slagget ús dochs net om oan alle keardoelen te foldwaan.') neffens de bestjoerders fuortnommen en dêrmei is it entûsjasme foar it Frysk yn 'e skoallen tanommen.

Entûsjasme foar it oanbod Frysk stiet te priizgjen. Skoallen litte tagelyk lykwols witte dat it gauris net slagget om de keardoelen oan te bieden dy't hearre by harren taalprofyl. Somtiden komt dat trochdat Frysk wol wykliks op it roaster stiet, mar net wykliks jûn wurdt. Mei de takenning fan taalprofilen (en dêrmei ûntheffings fan keardoelen) koene in protte skoallen wer sykhelje. Bestjoeren moatte der lykwols foar soargje dat skoallen dêrtroch net efteroer leunje. Sy moatte harren mear ynspanne om derfoar te soargjen dat ûnderwiis Frysk yn alle gefallen laat ta it heljen fan de takende keardoelen. It feroarjen fan de keardoelen biedt dêrby ek kânsen om better oan te sluten by wat learlingen leare wolle by it fak Frysk. By de skoalûndersiken fertelden se dat se oer it algemien better Frysk praten en ferstean leare wolle. It yn 'e kunde kommen mei aspekten fan de Fryske kultuer is wichtich, mar as dat yntegrearre wurdt yn in meartalich oanbod, hat dat in positiver ynfloed op de attitude fan learlingen as wannear't it losse aktiviteiten binne.

By einbeslút is yn earder ûndersyk (Ruijven, 2018) nei foarren kommen dat benammen de *trijetalige skoallen* de winsk hawwe in better trochrinnende learline fan primêr nei fuortset ûnderwiis te realisearjen. Op dit stuit is der gjin sprake fan in trochrinnende learline yn it fundearjend ûnderwiis en ek net fan de foar- en betiidskoalske edukaasje nei it primêr ûnderwiis ta. Dat behinderet de optimale ûntwikkeling fan de taalfeardigens Frysk by learlingen. Bestjoeren mei in protte *trijetalige skoallen* hawwe de ambysje om te wurkjen oan in trochrinnende learline fan it primêr nei it fuortset ûnderwiis.

Skoalportret

Fraachpetear mei in tmbû-/mbû-bestjoer

Alle tmbû-fêstigings hawwe in A-profyl en de learlingen yn 'e ûnderbou krije in oere Frysk yn 'e wike. De meiwurkers prate ûnderinoar Frysk en mei learlingen en âlden regelmjittich. It bestjoer en de skoallen fine it wichtich dat it Frysk in plak ynnimt binnen de skoalkultuer. De eigen memmetaal en de identiteit fan de learling is neffens it bestjoer fan belang. Wol is de ôfspraak dat by de ynstruksjes fan oare fakken Nederlânsk sprutsen wurdt. Yn (staa)zje)begeliedingsmominten binnen it ûnderwiis kin wol Frysk praten wurde troch leararen en learlingen.

Tegearre mei de oare regionale ûnderwiissintrums yn Fryslân hat it bestjoer in Taalkoade Frysk fêststeld. Dy taalkoade befettet ôfspraken oer it brûken fan Frysk by de lessen en toetsen. De ûnderlinge ôfspraken binne fuortkommen út de konstataarring dat de beropspraktyk freget om stazjêres en wurknimmers dy't it Frysk behearskje. De mbû's konstataarren lykwols ek dat hieltyd minder jongerein him echt goed rêde kin mei it Frysk. Dêrfandinne de ôfspraken en de kar om Frysk as ferplichte fak op it roaster te setten yn 'e nivo 1- en 2-opliedings. De opliedings op nivo 3 en 4 biede Frysk oan as karfak. Studinten fan de Fryske mbû's kinne in sertifikaat helje: 'Frysk ferstean of Frysk ferstean en praten yn 'e beropskontekst.

7.1

Konklúzje

De measte Fryske pû-bestjoerders sizze Frysk wol deeglik wichtich te finen, mar gjin útwurke belied (fêstlein yn in kwaliteitssyklus) te hawwen op it mêd fan de Fryske taal.

Ferskate kearen sizze fû- en pû-bestjoerders dat it Frysk proporsjoneel omtinken krije moat. De bestjoerders dy't dat antwurd jouwe, litte witte dat se de beliedskar foar taalprofilen en de dêrby hearrende ûntheffings fan keardoelen passend fine. De taalprofilen slute oan by de werklikheid fan skoallen (taalsituaasje fan learlingen

en persoanjel). Neffens de pû- en fû-bestjoerders is mei de takenning fan taalprofilen it gefoel fan falen ('It slagget ús dochs net om oan alle keardoelen te foldwaan.') fuortnommen en dêrmei it entûsjasme foar it Frysk yn 'e skoallen tanommen.

Entûsjasme foar it oanbod Frysk stiet te priizgjen. Skoallen litte lykwols witte dat it gauris net slagget om de keardoelen oan te bieden dy't hearre by harren taalprofyl. It is dan oan de bestjoeren om dat op te pakken en mear stjoering oan de kwaliteit fan it ûnderwiis Frysk te jaan.

8 Konklúzjes en oanrekommadaasjes

Wat is de kwaliteit fan it ûnderwiis yn 'e Fryske taal yn it primêr en fuortset ûnderwiis en hoe jouwe Fryske skoalbestjoeren ynfolling oan harren ferantwurdlikens foar de kwaliteit fan dat ûnderwiis?

8.1 Konklúzjes

Ambysje

De taalprofilen soargje net foar in hege ambysje by it fak Frysk. Direkteuren, leararen en bestjoerders ûnderfûne it takende profyl net as startpunt fan wêr't út wurke wurde kin oan it oanbieden fan alle kearndoelen yn 2030, mar mear as in goedkarring fan de wize wêrop't de skoallen oan it fak Frysk ynfolling jouwe. Hoewol't de doelstelling foar 2030 nei de takenning fan de taalprofilen fêststeld is, moat better dúdlik makke wurde dat it taalprofyl it útgongspunt is foar it úteinlik oanbieden fan alle kearndoelen.

De ambysje fan de provinsje foar 2030 is heech. Te heech neffens guon bestjoeren. Der binne benammen yn it primêr ûnderwiis grutte regionale ferskillen yn de mjitte dêr't de befolking Frysktalich yn is. It praten en ferstean fan Frysk is lykwols yn it hiele Fryske taalgebiet foar learlingen fan belang. De doelstellings foar it ûnderwiis Frysk moatte ambisjeus en tagelyk helber wêze foar alle regio's.

Stjoering

Fryske bestjoeren stjoere yn tige wikseljende mjitte op it ûnderwiis Frysk. In grutte mearheid fan de bestjoeren lit dat oer oan de skoallen. Dêrtroch hawwe se sels minder sicht en fet op de kwaliteit fan it ûnderwiis Frysk. Wy hearre fan pû- en fû-bestjoeren dy't wol prioriteit jouwe oan Frysk dat dat laat ta ûnderwiisûntwikkeling yn bredere sin (op de *trijetalige skoallen*) en ta gearwurking mei oare skoallen om it fak better oanbiede te kinnen. Dat makket dat learlingen it Frysk better leare te behearskjen en úteinlik in bettere oansluting hawwe by de takomstige beropspraktyk.

Likefolle yn it primêr as ek yn it fuortset ûnderwiis wurdt der noch net folle gebrûk makke fan de mooglike nei-opliedings dy't der foar it fak Frysk binne. Dat moat ferbetterje fanwegen it lege tal lessen yn beide sektoaren dat troch dosinten mei in foech jûn wurdt. Wy fermoedzje dat dat komt trochdat skoallen en leararen oare prioriteiten hawwe.

Utfiering

Learlingen fine it fak Frysk geregeld 'net aardich' en 'net learsum'. Sy litte witte dat se it fak saai fine en dat se fan de lessen meastentiids net taalfeardiger wurde. Fan de skaaimerken dy't we befroge hawwe, falle der twa op dy't fan ynfloed binne op de learsumens en dy't gauris troch leararen as ûnfoldwaande oanmurken wurde. Oan 'e iene kant kin it komme troch ûnfoldwaande differinsjaasje yn it oansluten by de taalbehearskingsnivo's fan learlingen, oan 'e oare kant troch ûnfoldwaande ynroastere lestiid. Yn 'e petearen dy't de ynspekteurs fierden mei learlingen die tagelyk bliken dat se it fak wol wichtich fine. Se wolle graach mear Frysk ferstean, lêzen en skriuwen leare. Dy wittenskip kin benutte wurde om de latte heger te lizzen by it oanbod Frysk op de skoallen.

Op in protte skoallen is der ûnfoldwaande tiid ynroastere om de by it taalprofyl hearrende kearndoelen allegearre oan te bieden. Somtiden roasterje basisskoallen de tiid wol yn, mar reälisearje se de foar Frysk plende ûnderwiistiid net. Dat komt trochdat leararen op skoallen foar primêr ûnderwiis de beskikbere tiid nei eigen ynsjoch oan oare fakken besteegje. Op skoallen yn it fuortset ûnderwiis komt it somtiden trochdat de learaar útfalt. Yn oare gefallen komt it trochdat de ynroastere (en konform reälisearre) tiid net genôch is foar it oanbod fan de kearndoelen dy't hearre by it taalprofyl.

Rânebetingsten

Der binne ynstruminten (folchoetsen) en lesmaterialen om it ûnderwiis Frysk sa yn te rjochtsjen dat de skoallen mear mooglikheden hawwe om foldwaan te kinnen oan de keardoelen. As dy ynstruminten goed benutte wurde, út in skoal- of bestjoersbrede fisy op it Frysk en op meartaligens wei, dan sjogge we dat dat laat ta goede lessen. Mar lang net alle skoallen brûke de beskikbere ynstruminten. Op grûn fan petearen mei bestjoerders en direkteuren tinke we dat dat komt trochdat it Frysk gjin prioriteit hat yn 'e ûnderwiisûntwikkeling fan skoallen.

Yn it fuortset ûnderwiis hawwe te min leararen in foech om Frysk te jaan, wylst dat in wetlike ferplichting is. It Frysk is in lyts fak en dat makket it kwetsber. Faak is der mar ien dosint en as dy útfalt nimt in dosint sûnder foech foar it fak Frysk de lessen oer (of se falle út). Bestjoeren moatte harren ynspanne om te soargjen foar mear lessen Frysk dy't jûn wurde troch dosinten mei in foech.

Der is gjin aktueel byld oer yn hoefer't de bekostiging foar it fak Frysk tarikkend is yn sawol it primêr as it fuortset ûnderwiis. Dúdlik is wol dat de Fryske skoallen net mear lumpsum-bekostiging krije as skoallen yn oare provinsjes, wylst se wol in ekstra ferplichte fak jouwe.

8.2 Oanrekommandaasjes

8.2.1 Oanrekommandaasjes foar de koarte termyn (binnen twa jier te reälsjarjen) foar bestjoeren en direkteuren

Alle skoallen moatte derfoar soargje dat op syn minst de keardoelen oanbean wurde, dy't by it no jildende taalprofyl hearre. It is de ferantwurdlikens fan bestjoeren en direkteuren om de rânebetingsten te skeppen binnen hokke de keardoelen oanbean wurde kinne. Dat bart no ûnfoldwaande. Rânebetingsten binne: genôch ûnderwiistiid foar Frysk en genôch betûfte leararen.

De ynspeksje sil yn alle bestjoersûndersiken by Fryske bestjoeren freegje nei it oanbod Frysk yn relaasje ta it taalprofyl en in reparaasje-opdracht jaan as bestjoeren net oantoane kinne dat skoallen it oanbod genôch reälsjarje.

8.2.2 Oanrekommandaasjes foar de middellange termyn (resultaten oer seis jier sichtber)

Foar bestjoeren

Soargje foar leararen mei in foech en foar ûnderhâld fan de betûftens om Frysk te jaan. Bestjoeren, skoallieders mar ek leararen moatte derfoar soargje dat der genôch betûftens yn 'e skoalle is om goede lessen Frysk te jaan.

Foar de provinsje

It provinsjale belied oer de taalprofilen moat feroare wurde om better oanslute te kinnen by oan 'e iene kant de Frysktaligens fan de learlingepopulaasje en oan 'e oare kant de beropsferwachting fan benammen tmbû-learlingen yn 'e regio. In te grut ferskaat yn taalprofilen (no sân yn it primêr ûnderwiis en fiif yn it fuortset ûnderwiis) laat ta ûndúdlikens yn wat de oerheid fan skoallen ferwachtet en de hanthavening derfan is dreech. It provinsjaal belied oangeande it Frysk yn it ûnderwiis soe yn oerlis mei de skoalbestjoeren fierder ûntwikkele wurde moatte.

Foar skoalbestjoeren

It keardoel 'Positive attitude...' kin better ferwurke wurde yn oare keardoelen Frysk, sadat taal ûnderwiisd wurdt yn kombinaasje mei omtinken foar de kultuer. Dêrby merke we op dat keardoelen oanbodsdoelen binne en gjin behearingsdoelen: foar alle keardoelen, sadwaande ek foar dy fan it Frysk, jildt dat ûnderskate learlingen ûnderskate behearskingsnivo berikke. Yn oerlis mei de provinsje en gemeenten kin der soarge wurde foar in dekkend basisoanbod op regionaal nivo, wêrby't der rekken hâlden wurdt mei de mjitte fan Frysktaligens fan de omjouwing en de beropsferwachting fan de learlingen.

Foar it ryk en de provinsje

Undersyk oft de bekostiging foar it ûnderwiis Frysk (bûten de MYF-jilden) tarikkend is.

8.2.3

Oanrekommandaasje foar de lange termyn foar bestjoeren

Bestjoeren moatte oer de ûnderwiissektoaren hinne ôfspraken meitsje oer de trochrinnende learline oangeande it Frysk. De NHL Stenden Hegeskoalle fiert út it lektoraat Frysk en meartaligens wei in projekt út dat dêrby stypjend wêze kin (Ynnovaasjeprojekt oansluting trijetalich primêr ûnderwiis by meartalich fuortset ûnderwiis). De mbû-bestjoeren yn Fryslân makken ek ûnderinoar ôfspraken oer it oanbod Frysk. Mooglik kinne dy ôfspraken in foarbyld wêze foar hoe't der oansletten wurde kin by wat foar learlingen fan belang is.

- Agirdag, O. en Kambel, E.R. (red.) (2018). Meertaligheid in het onderwijs. Amsterdam: Boom uitgevers Amsterdam yn gearwurking mei Rutu Foundation.
- Deunk, M. e.o. (2018). Effective differentiation Practices: A systematic review and meta-analysis of studies on the cognitive effects of differentiation practices in primary education. Educational Research Review, nû. 24, s. 31-54.
- DINGtiid (2016). Meertaligheid als kwaliteit en doel, advies over Fries in het onderwijs.
- Duarte, J. en Günther, M. (2018). A holistic model for multilingualism in education, EuroAmerican Journal of applied linguistics and languages, special issue, jiergong 5, nû. 2, s. 24-43.
- Esch, H. van der, en Hattum, M. van, (2019). In beeld: leerlingdaling in het voortgezet onderwijs, Achterhoek VO.
- Fries in het onderwijs: meer ruimte, regie en rekenschap voor de provincie Fryslân (2010). Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes.
- Jonkman, R. en Riemersma, A. (2015). De heterogene taalsituatie en het meertalig onderwijs in Friesland, Levende Talen Magazine, jiergong 102, nû. 7, s. 20-25.
- Ynspeksje fan it Underwiis (2019). Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis. Technysk rapport.
- Ynspeksje fan it Underwiis (2010). Tusken winsk en werklikheid.
- Klinkenberg, E. (2017). Taalsosjologyske Survey, Taal yn Fryslân, de folgjende generaasje, Fryske Akademy. Ljouwert.
- Provinsje Fryslân (2015). Fryske taalatlas, de Fryske taal yn byld.
- Ruijven, B. van, en Ytsma, J. (2008). Trijetalige Skoalle in Fryslân, onderzoek naar de opbrengsten van het drietalige onderwijsmodel in Fryslân. Fryske Akademy, Ljouwert.
- Varkevisser, N.A. en Riemersma, A. (2018). It is mei sizzen net te dwaan. Noordelijke Hogeschool Leeuwarden.
- DUO. Examenkandidaten hafû en eksamensifers per fak per ynstelling https://www.duo.nl/open_onderwijsdata/databestanden/vo/leerlingen/leerlingen-vo-9.jsp rieplachte op 16 july 2019.
- DUO. Oantal hbû-ynskreaunen (binnen domein hû): https://www.duo.nl/open_onderwijsdata/databestanden/ho/ingeschreven/hbo-ingeschr/ingeschrevenen-hbo1.jsp rieplachte op 16 july 2019.
- IND (2015). Asieltrends 2015: <https://ind.nl/over-ind/Cijfers-publicaties/Paginas/Asieltrends-2015.aspx> rieplachte op 19 augustus 2019.
- IND (2014) Asieltrends 2014: <https://ind.nl/over-ind/Cijfers-publicaties/Paginas/Asieltrends-2014.aspx>, rieplachte op 19 augustus 2019

- COA (2019) <https://www.coa.nl/nl/opvanglocaties> rieplachte op 19 augustus 2019.